NO PRESENT

by Klaske

No Present
by Klaske

No Present, by Klaske is ûnderdiel fan it transmediale projekt Present (‘Hier Nu!’).

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch Stichting Lezen, Firda en CJP.

Wat foarôf gie:

Sjoch hjir wat foarôf gie oan No Present, by Klaske.

No Present, by Klaske
© 2024 Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert
skriuwer Bart Kingma
yllustraasjes Richard Kofi
foarmjouwing Richard Bos

ISBN 978-94-93318-30-4
NUR 285

Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.
www.afuk.frl
www.wybinnembu.frl/present

NO PRESENT

by Klaske

afûk

1

Ja poep, tinkst toch net dat ik in boek skriuwe sil? *No way*! Ik sit op 'e harsens yn de drokte. Skripsje moat klear, en rap ek. Te let mei begûn, fansels. Komt troch dy hiele *shitshow* mei Darshan. No sit ik mei de ellinde. Skripsje, Present, leafde. Alle trije in teringsoai. En dat mei ik allegear eefkes oplosse, yn in pear wiken tiid. *I'm fucked*. Yntusken giet it meitsjen fan *stories* gewoan troch, fansels. Oars reitsje ik myn *fanbase* rap kwyt en krij ik echt noait in sponsor. En ik moat mear sporte, oars doar ik aansen net iens mear as Klaske foar de kamera. Pffff.
Mar no komt Kofjebekje, dy lul fan in SLB'er, ynienen oansetten mei it belachlike idee om in boek te skriuwen. Omdat it sa belangryk is wat wy dogge mei Present. Lekker dan. Moannenlang neat fan him hearre litten; bytsje ynteresse toane ho mar. Wylst myn libben op 'e kop kaam te stean. En no, no't Kofjebekje ek ûnder syn stien weikrûpt is en as lêste Nederlanner meikrigen hat wat hjir gebeurde, no ynienen ropt er hoe wichtich dat is en dat ik dat allegear opskriuwe moat. Flikker mar moai op. Ik doch sjoernalistyk, ik ha leard om filmkes en podcasts te meitsjen en wat artikels of in bloch te skriuwen. Dat is hiel wat oars as in boek. Ik doar te wedzjen dat menear sels noch noait in boek skreaun hat. Miskien sels kwalik ien lêzen.

It iennichste goeie oan syn idee is dat it wol handich is om sa no en dan wat oantekeningen te meitsjen. Gewoan foar mysels. Want ik kom deryn om. Gjin idee mear wat ik allegear dwaan moat, wat ik al wit en wat ik noch útfine moat. Dan helpt it miskien wol om wat gedachten op te skriuwen. As in deiboek

ofsa. Dan ferjit ik yn elk gefal neat. Dus ik sil alle dagen mar wat notearje, dingen dy't ik ûntdek of wat ik derfan tink.

Wat tink ik eins?

Dizze dagen tink ik niks. Ik bin *completely numb*. Der is tefolle gebeurd, myn holle hat it te drok hân. No bin ik wurch. Juster ha 'k de hiele dei op bêd lein. De hannen boppe it dekbêd. Ja echt, haha 😄 hast allinnich mar sliept. Earlik sein bin ik ek wol eefkes klear mei de leafde. Set my mar yn in kleaster. Darshan ha 'k al in skoft net mear sjoen. Mar dat is ek wol foarby – ik bedoel de relaasje. En dat wie net allinnich de skuld fan Pollo.

Trije dagen is hy no fuort, Pollo. Ik tink faak oan him, faker as ik ferwachte hie. It giet net goed mei him. Mei ús alle trije net, fansels, mar foaral Pollo hat it swier. It is stom dat we dat net earder yn 'e gaten hienen. We wienen te drok mei ússels. Mar dat leit natuerlik ek oan himsels. Hy hie it ek sizze kinnen, dat er problemen hie. Dan hienen we better begripe kinnen wêrom't hy sa agressyf die en it ús sa lestich makke. Mar ik tink dat hy dat net fertelle woe omdat er it net fertelle kóé. Hy siet yn 'e knoop. Mear as wy wisten; miskien ek wol mear as er sels yn 'e gaten hie. We ha ôfpraat dat we kontakt hâlde sille, mar neidat hy yn it fleantúch stapt is, ha 'k neat mear fan him heard.

Fan 'e moarn bin 'k mar wat dom begûn om myn keamer in bytsje op te rêden. It is in behoarlike gaos hjir. Ik ha in bulte klean yn sek dien, dy bring ik aansen fuort. It binne safolle, ik ha se kwealik droegen. Ja, in kear foar in *story* of in tiktok, dan sis ik hiel *smiley-girly* dat dit my perfekt stiet en dat ik dit hiel faak drage sil. En nei de opnamen flikkerje ik it yn in hoeke. No ja, lang net altyd, mar faak toch wol. Hooplik fyn ik gau in sponsor, dat skeelt my in soad jild.

In soad âld boartersguod ha ik ek fuortsmiten. Sketsboeken, poppen, al myn knuffels fan froeger. Miskien wol wat rigoereus;

mar hee, ik kin net bêst alles bewarje, toch. En ik moat echt romte meitsje, oars ha 'k mysels aansen hielendal opsletten yn dizze keamer.
Op it lêste momint ha 'k toch de ûle wer út de pûde wei helle en weromset yn it finsterbank. Uly de ûle wie altyd myn favoryt. Brúngriis en sêft, mar hy hat foaral fan dy skitterjende eagen. Grutte swarte pupillen yn in giele iris. Se sizze altyd dat ûlen sa wiis binne. No, Uly yn elk gefal wol, sa't dy út syn krale-eagen sjocht. En syn kop kinst hast hielendal rûndraaie. Dat is yn it echt ek sa, leau ik. As bern draaide ik moarns altyd syn holle nei it rút ta, sadat Uly de hiele dei nei bûten sjen koe. Jûns foar it sliepen gean draaide ik syn gesicht dan wer nei myn bêd ta. Sa koe er op my passe, en alles wat er dy dei sjoen hie oan my fertelle, dan koe ik dêroer dreame. Dat holp my echt by it sliepen. De lêste jierren lei Uly yn in doaze tusken de oare knuffels, mar no ha ik him wer yn eare hersteld: hy stiet wer as fanâlds yn it finsterbank nei bûten te sjen. 😔 Dat sil my grif helpe om wat rêstiger yn 'e kop te wurden.

Jûn moat ik mar eefkes te sporten, om mysels wer in bytsje te aktivearjen. In soad sin ha 'k net, mar ja. It hier doch ik strak fêst, want it sit foar gjin meter hjoed.

•—

Jo, spierpine! Koe fan 'e moarn it bêd hast net útkomme, myn earms en skouders dienen te sear om it dekbêd op te tillen. Ik tocht dat it wol knap gie justerjûn. Mar no soe 'k wolle dat ik net gien wie. Foaral dy *lat pulldown* is in kloatsek. Myn hiele boppeliif is *wrecked*. Sels it tikjen fan dizze sinnen op 'e laptop docht my sear. Lit stean dat ik sa in skripsje skriuwe kin.

Eins ha ik noch noait earder in skripsje makke. Ja, in PWS op de middelbere, mar *that's a different story*. Moai ûnderwerp ha 'k útsocht. 'Demokratyske fernijing.' Lekker maklik ek. 😅 Hoe pak ik dat oan? Miskien earst mar ris útsykje wat demokrasy presys is en hoe't it ûntstien is. Ik moat ek mear witte oer boargerberieden, burgerberaden. Se sizze dat der de kommende jierren hieltyd faker boargerberieden holden wurde sille yn ús lân, mar dan wol foar folwoeksenen fansels. 😔 As wy faker boargerberieden foar jongeren organisearje sille, is it wol handich om mear te witten oer hoe't dy oare boargerberieden krekt wurkje en hoe't wy ús ideeën op tafel lizze kinne by dy *boomers*.

Lekker dan, dat ik dat allegear yn myn ientsje dwaan moat. Teminsten, de lieding deroer nimme. Dat foarige jongerenberied wie moai, mar wêr moat it de oare kear oer gean? Ik ha gjin idee. As sjoernalist lear ik om oare minsken kritysk te folgjen, net om sels de lieder te wêzen. Darshan fûn ik echt in natuerlike lieder. Dy is der hielendal net bang foar om beslissingen te nimmen en tsjin oaren te sizzen hoe't it moat. Ik fyn dat lestich. En Darshan is útspile. Ik ha my op him fersjoen. Dat is dan wol in goeie les: as ien in natuerlike lieder is, wol dat net sizze dat er ek presys de goeie dingen docht.

Mar earlik is earlik, hy hat wol in soad yn beweging set. En it is heech tiid dat jongeren mear stim krije, better meiprate yn de maatskippij. Dat moatte we sels ôftwinge, âlderen freegje echt net om ús miening. Alle *boomers* moeten weg, hahahaha. 😂😅😂 Nije wike sil ik meidwaan oan in klimaatdemonstraasje. Yeah, as in echte Greta Thunberg. 😅 Miskien komt sy trouwens ek wol. Dy is gewoan sels begûn mei har skoalstakingen doe't se *fucking* 15 wie. *Skolstrejk!* En dy âlde keardels yn de polityk mar roppe dat se te jong is om de wrâld te begripen. Greta begrypt it better as al dy oaren! Sy hat allang yn 'e gaten hoe't it wurket: hoe âlder as je wurde, hoe mear je dingen normaal begjinne te

finen en net mear yn steat binne om saken echt te feroarjen. Feroaring moat dus fan jongeren komme. En der moatte safolle dingen oars. Hast alles. Klimaat, earmoed, yndustry, ekonomy, ûnderwiis, soarch, wenjen. Mar al dy âlderen sitte al opsluten yn har djoere hûs, har fêste baan, har auto's, byfstikken en stomme gewoanten. Of se hawwe it sa dreech om rûn te kommen dat se nergens oars mear oan tinke kinne as oan har eigen beurs. En kom op sis, as je 15 of 16 binne, ha je toch alle rjocht om mei te praten?!

Ik moat net lilk wurde, ik moat útfine wat de bêste manier is om jongeren meiprate en meibeslisse te litten. Alles wat ik lear by it skriuwen fan myn skripsje kin ik brûke om Present te lieden en om te setten yn in beweging dy't jongeren echt ynfloed jout.

Hallelujah. 😇 Ik wurd nochris in echte profeet, hahaha. Sa'nien mei in moai kleurryk gewaad en in útstrieling dêr't elk ferlyfd op wurdt. En noch folle mear folgers op tiktok en insta. *Influencer XL*. Lekker, ik krij al hast wer sin yn in nije leafde. Dat kleaster moat noch mar eefkes wachtsje.

Fannacht ha 'k in pb'tsje krigen fan Pollo. Hy is oankaam yn Accra, skreau er. Ik moast opsykje wêr't dat leit. It is de haadstêd fan Gana. Dat hie 'k witte kinnen. Hy hat it al ris faker hân oer dat lân. Syn heit en mem komme dêrwei. Ik ha eefkes wat ôfbyldingen googele. Wat in lân is dat, sis. No ja, it sille wol de toeristyske plaatsjes wêze. Mar toch. Moaie lânskippen, knappe minsken. Foaral de frouwen, dy rinne yn skitterjende gewaden, fel giel, read en grien. Prachtige jurken ha se dêr. Ik tink dat ik Pollo freegje om ien foar my te keapjen. Sil my fêst geweldich stean as profeet, hihi.

Moarn komt der in hiele set nije earbellen binnen. Ha 'k online besteld by in bedriuw dat ik noch net koe. Miskien wolle se my wol sponsorje. Yeah! 🤘 Neffens my sitte der ek fan dy

moaie kreoalen tusken, hearlik megagrutte ringen. No al sin om se yn te dwaan, by sa'n gewaad út Gana. Whoeii. 😆

It wie mar in koart berjochtsje fan Pollo, dat er stjoerde. Jammer. Ik bin wol benijd wat er dêr allegear docht. Of better sein: wat er dêr siket. It hat mei syn heit en mem te meitsjen ofsa, dy wenje dêr noch altyd. Pollo fielt him noch altyd ferbûn mei syn heitelân, hat er wolris tsjin my sein. Ik tocht altyd dat dat oanstellerij wie, oandacht lûken. 'Hey, sjoch my ris spesjaal wêzen, ik bin net sa'n wite boer as jim.' No Pollo, asto *issues* hast kinst dy better yn dyn libben hjir en no oplosse, en net sa'n slachtofferrol oannimme fan ien dy't mar ropt 'dat jim myn pine net begripe'. Dat tocht ik. Mar miskien kaam dat ek wol omdat ik it te drok hie mei mysels, en mei Darshan fansels. Ik koe dat geseur fan him der hielendal net by ha.

Earlik sein hie ik ek net ferwachte dat er nei Afrika ta gean soe. Hjir hat er it ommers folle better as dêr. Dat primitive gedoch dêr, mei smoarge diken, beroerd iten en minne wifi. Shoppen kinst dêr wol ferjitte, en bestelservice ho mar. Alles wat Pollo nedich hat is hjir, net dêr.

Mar toch woe er fuort. Hy wie serieuzer as ik tocht. Op de ien of oare manier koe hy it hjir net goed fine. Unrêst. Hy woe syn woartels ûndersykje. Ik tink net dat hy dêr moaie dingen oer ûntdekt. Allinnich mar earmoed. Pollo mei bliid wêze dat er hjir by ús wêze mei. Yn wolfeart. En demokrasy, haha. Ja mar echt, foar demokrasy moatte je toch yn West-Europa wêze. We hawwe hjir ommers it bêste bestjoer. Dêrom dogge we it hjir ek better as op al dy oare plakken op 'e wrâld. Wy binne riker. En skjinner. En wy binne betrouberder, en earliker ek. Tink ik. Ja sorry hear, ik wol net diskriminearje, mar ik leau toch dat it nergens better is as hjir by ús. En dat moat sa bliuwe. Nee, dat moat nóch better! En dêr kin Present by helpe. 👊

Of klink ik no al as in profeet? *OMG.* 😇

Darshan hoecht net te witten dat ik mei Pollo skriuw. Okee, Pollo wie net direkt belutsen by de oanslach op him, mar hy wist wol mear, hè. Dat sil Darshan him noait ferjaan, tink ik. Begryp ik ek wol.

Justerjûn ha ik eefkes by Darshan west. Hy knapt wol wat op, mar it giet net hurd, fyn ik. Hy is wurch en tryst. Mei syn heit hat er alle kontakt ferbrutsen. Dat komt foarlopich ek net mear goed. 't Is ek in rotstreek fan dy man, fansels. Ik bedoel, in generaasjekloof is prima, mar dit wie wol *the bloody limit*. Gelukkig hebben we de beelden nog, hahahaha.

Sa, húswurk foar de skripsje
al hast wer klear :-)

Scriptie-note

Het woord 'democratie' komt uit het Grieks.
'Dèmos' betekent 'volk', en 'kratein' betekent 'heersen'. Het volk heerst.
De macht wordt uitgeoefend op basis van de wil van het volk.
Er bestaat 'directe democratie', waarin burgers persoonlijk stemmen over wetten. En 'indirecte democratie', waarbij burgers een aantal mensen kiezen die de burgers vertegenwoordigen in het parlement.
(Bron: Wikipedia)

Yn ús lân ha we dus in
yndirekte demokrasy.

Dêr by Pollo yn Gana sil it grif minder demokratysk wêze. Yn hiel Afrika is it toch in rotsoai. Mei diktators en militêre coups, boargeroarloggen. Net in wûnder dat dy lju allegear hjirhinne komme wolle, se meitsje der dêr in tyfusboel fan. En dan meie wy harren problemen wer oplosse, seker. Hoefolle jild stjoere wy wol net nei dy lannen ta? Want we fiele ús skuldich ofsa, omdat in soad fan dy lannen froeger koloanjes fan Europa wienen. Dat fyn ik nochal *bullshit*, dat is ommers al mear as 50 jier lyn. *Come on, grow up*. Trouwens, ús lân hie net iens in koloanje yn Afrika. Ja ja, Klaske wit echt wol wat fan skiednis, hear. 😛 Wy hienen neffens my allinnich Yndonezië en Suriname. Ik leau dat Darshan dêr ek noch famylje hat, syn mem komt út Suriname ofsa. En dat leit yn Súd-Amearika. Dus wêrom soenen wy no al dy Afrikanen helpe moatte? Lit se earst sels in goeie demokrasy wurde, en dan in kear oanpakke mei it opbouwen fan har eigen lân. It is goed dat ik dêr wat mear fan wit, dan traapje ik net samar yn dy silige praatsjes.

As 'demokrasy' fan it Gryksk komt, betsjut dat dus dat it in Europeeske útfining is. Want de Griken binne toch ús âldste kultuer. Ik wit der net alles fan, mar de earste demokrasy komt leau ik wol dêrwei, en neffens my de earste filosofen en skriuwers ek. Stom dat we dêr net mear oer leard ha op skoalle, no moat ik it allegear sels útsykje.

Scriptie-note

Athene, de hoofdstad van Griekenland, staat bekend als de oudste democratie van de wereld. Van 508 voor Christus tot 322 voor Christus had Athene een directe democratie. Geregeld hielden ze een volksvergadering waar mannen van 18 jaar en ouder met elkaar belangrijke politieke besluiten namen. Vrouwen mochten niet meepraten, slaven en vreemdelingen ook niet.

(Bron: hoera voor Wikipedia)

Wêrom gjin frouwen?!!

Dit sjit al moai op, sa. Frjemd eins dat se doe al 18 jier as minimumleeftiid ynstelden en dat dat no noch altyd sa is. Wêrom net earder stimme as op je 18e? Op de middelbere krije bern al maatskippijlear ensa, of lessen boargerskip, dy witte echt wol wat. Miskien wol mear as in soad bejaarden. En de takomst foar it lân is foar jongeren folle belangriker as foar minsken dy't toch al oanein binne. Belachlik dat dy âldsjes der wol oer meiprate meie en jongeren net. Dêr hie Darshan wol gelyk oan, ek al is it út 'e klauwen rûn.

Scriptie-note

In de oude Griekse democratieën bepaalde het lot wie aan de volksvergadering mee mocht doen. Dus niet: eenmaal in de vier jaar stemmen op een partij, zoals wij dat kennen. Daar waren helemaal geen politieke partijen. Gewoon alle mensen (nou ja, mannen 😬) konden zomaar aan de beurt komen.

Bêst gaaf, eins

Ik soe ek bêst wolris meiprate wolle yn de Twadde Keamer. Mar de ûnderwerpen binne no fansels sa yngewikkeld dat gewoane minsken noait samar meibeslisse kinne.
Trouwens, by ús eigen boargeberied dogge we dat gewoan wól. Dêr prate jongeren toch ek oer yngewikkelde saken?

Ik moat gau oan de slach mei it folgjende jongerenberied. Mar ik ha noch net in goed tema. Moai wurk fyn ik it, dy boargerberieden. Sa kinne jongeren einlings serieus meiprate oer alderlei ûnderwerpen. Mar it is in *fucking* soad gedoch om it allegear goed te organisearjen.
Earst sil 'k aansen Pollo eefkes maile. Hy moat my mar ris better útlizze wat er allegear fan plan is. Miskien kin hy foar my wol wat útsykje oer demokrasy yn Afrika. Is er gau klear mei, hahaha. Mar serieus, miskien is it wol leuk om ús demokrasy hjir tsjinoer dy diktatueren dêr te setten ofsa, foar myn skripsje. Ik sil him ris freegje.

•▬

Oeps …

Ik wist net dat it sa gefoelich lei. 😬 Tocht dat it leuk wêze soe om Pollo eefkes te fertellen wêr't ik mei oan de slach moat, en oft hy dêr ek wat *research* foar my dwaan kin, miskien. Dus ik skreau dit:



Hi Pollo

Hoe istie daaro? Heb je een knap hostel met water om 's avonds het stof van je gezicht te wassen, of slaap je in een rieten hutje? Serieus, ben benieuwd hoe het met je

gaat. Ik weet niet precies wat je daar hoopt te vinden. Heb je problemen thuis gehad? 'k Hoop niet dat deze reis een vlucht is. Volgens mij heb je hier bij ons meer toekomst. Maar nu je daar toch bent ... weet jij iets over de Afrikaanse regering? Hoe erg is het daar? Volgens mij hebben ze er geen democratie. En daar ben ik wel benieuwd naar. Ben eindelijk begonnen met m'n scriptie. Over democratie dus, maar dat wist je al, haha :-) Hoe doen ze dat op andere plekken in de wereld? En hadden ze daar bij jullie wel democratie toen ze een kolonie van Europese landen waren? Dat moet haast wel, want ze hoorden toen bij ons. Dan is het later dus alleen maar slechter geworden daar. Kun jij daar iets over uitzoeken bij jou in Gambia?

Groetjesss!
Klas

Okee, dat it net Gambia wie mar Gana, dat hie 'k witte moatten. Mar ja sorry hear, dat liket gewoan wat opelkoar. En beide lannen lizze yn it linker midden fan Afrika, dus hiel fier siet ik der net iens neist. Wat makket it út? It sjocht der dêr toch allegear itselde út. En fierder sei ik net safolle ferkeard, toch? Ik bedoelde it yn elk gefal goed. Dat soe hy witte moatte, hy ken my. En ik toan belangstelling, ommers. Mar ik krige echt in ultralullich berjochtsje werom.

Dear Klaske,

Your email is exactly the reason I'm here. Not your question, but your tone.

Bye,
Kwasi Prosper
(I don't use the name Pollo anymore)

Ja duh, moat ik no sorry sizze ofsa? *Where did I go wrong, bro*? Of better: *what the hell has gotten into you, you wanker*? En ynienen in oare namme, wat is dat foar gejank? Ik sil myn fatsoen hâlde, mar lit my net op 'e kop skite.

Hi Pollo
Huh??!

Noch neat fan him heard. Ik sit ek net te wachtsjen op in *fittie*, trouwens. Ha wol wat betters te dwaan. Dy nije earbellen binne fet! In hiel pakket wie it, noch folle mear as ik tocht hie. De hiele rimram siet dertusken: knopkes, bedels, ringen, *huggies*, *cuffs* en *climbers*. De ringen binne echt mega. Ik doar se hast net iens yn te dwaan, sa grut. Earst ha 'k mar ris in pear moaie bedels oan myn eigen ringen dien. *Nice*. Dêr sil 'k ek as earste oer tiktokke, tink ik.

Dizze dingen dogge it goed by in stoere koltrui ofsa, of in wintersk jaske. Aansen eefkes by myn fêste adreskes del om te

sjen oft dy noch wat leuks ha. Stom eins, as ik nije spullen krij, wol ik fuort noch mear nij guod. Mar hee, *I'm a girl!* 😈

Juster ha 'k in soad lêzen oer demokrasy. Allegear websites besjoen en wat dingen opslein. 't Is in *fucking* soad, man. Darshan hie ek noch wat artikels dy't er my stjoere sil. Justerjûn ha ik in pear oeren by him sitten. Doe't ik fuort gie woe hy tute, mar dêr hie ik gjin sin yn. Aansen wol er wer *all the way*, seker. It wie echt lekker mei him, altyd. Mar dat is oer, ik wol it net mear. Echt net. Hy is knap en bysûnder, mar ek in bytsje *edgy*.

Darshan tinkt trouwens dat der mear soarten demokrasy binne as dy yn Europa. Amearika ek, sei er. Ja duh, dat is oerwaaid út Europa wei, *dude*. It wienen toch Ingelsen dy't dat lân oprjochte ha? Dus dy ha dat gewoan meinaam hjirwei. Komt echt net by dy yndianen wei hear, hahahaa. 😄

Scriptie-note

Na de Grieken voerden ook de Romeinen democratie in. Bij de Romeinen mocht niet iedereen meepraten via het lot, maar zij voerden een 'volkstribuun' in, een groep politici die voor de belangen van de gewone mensen opkwamen. Zij werden gekozen voor een paar jaar.

Dat is by ús toch ek sa? Neffens my liket dit wol op de Twadde Keamer. Better útsykje, noch.

Naast een volkstribuun hadden Romeinen ook een 'Senaat'. Daar zat de elite in. Senaat en volkstribuun hadden samen de macht.

By ús neame se de Earste Keamer toch ek wol Senaat? Ha wy ús demokrasy dan ôfsjoen fan de Romeinen?

Earst mar eefkes nei de sportskoalle, is alwer in pear dagen lyn. De spierpine is fuort, mar dy *lat pulldown* rin ik feestlik omhinne. Bankdrukken kin 'k ek noch wol ferjitte. Bytsje roeie en wat oare kardio is my earst wol genôch.



Dear Klaske,

Maybe I should explain a little more clearly why I reacted angrily to your email. You know I was a refugee 'without status' when I came to the Netherlands. Darshan's dad told you.

Which is kind of crazy. Because we've known each other for months. Have you ever asked me about my background? You thought it was a problem that I didn't speak Dutch, but you never thought to ask how long I'd been in the Netherlands, or why. You weren't interested in the reasons I was here, or about my goals and dreams. Or how come English is my mother tongue when I'm obviously a black African - did you ever even stop to think about that? You thought it was weird that I don't really trust the government or people in general, but you never asked me why. And you're just blindly assuming that I'll be coming back to the Netherlands soon. Like that makes as much sense for me as it does for you, when you were born and raised there.

You don't know a thing about my history or about the history of my country. You have no idea why I left Ghana and how I ended up in the Netherlands. You don't seem to be interested in what I left behind or why I've come back here. At least that's the impression your email gives.

Ok, so enough venting. Maybe I was so pissed off because I actually think you're a great person. I think all the stuff you've done with Present is amazing, and I admire your attempts to understand Darshan. But that curiosity disappoints me too. Why are you interested in him, in the movement, but not in me? You want to be a journalist, don't you? Then I think you need to look at other people with an open mind, particularly people from other cultures. But I've seen no sign of that from you. Not even when I was ranting about society. There's a reason for my anger – and you never asked me a thing about it. But I do think you have it in you, that interest. Like I said: I actually thought you were great. Still do. And I'd like to tell you all about it. About myself, my background, Ghana, Africa. And I think it will help you with your questions about democracy.

But you do need to ask the right questions first.

Best wishes - and hugs,
Kwasi Prosper

Crap! Sa hurd hat noch noait ien my teplak set.
Ik kin wol janke.
Ik jank.

•▬

Wat binne yn godsnamme de goeie fragen??!

•▬

Bin ’k wer. Ha in pear dagen neat skreaun. Bytsje sporte (de *squats* gienen goed, man!), wat omkloaid mei dy sieraden. Se binne prachtich, mar ik ha echt de ferkearde klean derfoar. Dus juster toch mar wat bybesteld. Ik moat mear *poste* en soargje foar mear folgers, want ik moat echt sponsors krije, oars hâld ik dit net fol en bin ’k aansen blut. *Girls just wanna have funds*.

En noch in pear dinkjes opsocht oer de skiednis fan demokrasy yn Europa.

Scriptie-note

Veel landen in Europa hebben dat Romeinse model overgenomen. Heel lang heeft op deze manier de elite de macht in handen gehouden, want de Senaat (waar de elite in zat) had altijd het laatste woord. Ook in Nederland had de adel het voor het zeggen. Als je rijk en voornaam was, kon je worden gekozen. Anders niet. Democratie was er niet voor de gewone mensen.

Net foar gewoane minsken. Dan is it toch gjin demokrasy?! Wannear waard Nederlân echt demokratysk?

En ik ha neitocht. Alles wat Pollo seit … ik fyn it lestich om him goed te begripen. Hy sil wol gelyk ha dat ik him net genôch frege ha. Mar wat hie ik freegje moatten? Sa wiis as Uly is bin ’k echt net. 😔 Pollo die altyd krekt as wie er wol okee mei alles. No ja, mei himsels dan. Net mei de maatskippij, dêr siet er altyd op te kankerjen. Mar dat dogge safolle minsken. Moat ik dy dan allegear freegje wat der mei har oan ’e hân is ofsa? Poep mar lekker op.

Earlik sein wit ik net hoelang't hy yn Nederlân wie doe't ik him kennen learde by Present, dêr hat er wol in punt. Mar is it sa frjemd om te tinken dat er it hjir wol goed hie? Kom op sis, hy is hjir toch net foar neat hinne kaam? Dan hie hy it op syn âlde plak net goed, oars wurde je gjin asylsiker. *Easy as that*. Hie ik dêrnei freegje moatten? Miskien hat er wol trauma's en dan soe ik dy allegear nei boppen helje. *No way.* En as je gjin status ha, binne je dan net gewoan in geloksiker? Neffens my ha we dêr in soad lêst fan yn ús lân, dus dêr moatte we net te leaf foar wêze. Ik bedoel: in pear echte oarlochsflechtlingen opfange akkoart, mar al dy geloksikers kinne we hjir net ha. As Pollo in echte geloksiker is, wit ik eins net iens mear oft ik wol freon mei him wêze wol.

Dear Pollo,

Sorry hoor, dat 'Kwasi' moet ik nog aan wennen. Het spijt me oprecht als ik je beledigd heb in mijn vorige mailtje. En misschien heb je wel gelijk dat ik niet genoeg belangstelling voor je heb gehad. Maar jij had ook wel eens wat meer aan mij kunnen vragen! Ik had je veel kunnen vertellen over Nederland en hoe alles hier werkt. Dan had je het hier misschien beter naar je zin gehad en had je niet terug hoeven gaan naar je eigen land.

Maar goed. Laten we kijken hoe we vrienden op afstand kunnen blijven. Ik wil graag meer van je weten, toch. Van je achtergrond en je redenen.

Wat zijn de juiste vragen die ik je moet stellen?

Groetjes,
Klaske

Bin benijd hoe't hy dêrop reagearje sil. Ik hoopje dat er it goed oppakt. Fan ruzy hâld ik net. Eins ha 'k Pollo noait écht in leuke jonge fûn, leau ik. Ik ha him ek net útsocht as freon, krige him der as bonus by doe't ik Darshan kennen learde. Wat seach Darshan yn him? No ja, Pollo wie handich, technysk foaral. Hy die alle fideo- en audiotechnyk foar Present. Mar fierder? Ik sil Darshan ris freegje.
Moat ik myn skripsje allinnich mar dwaan oer ferkiezingen en parlemint? Of heart der mear by? Ik seach juster op it nijs wat foarbykommen oer in pear East-Europeeske lannen. Dêr hawwe guon regearingen grutte ynfloed op de media. En ek op rjochters. Se sizze dat dan de demokrasy ûnder druk komt te stean. Moat ik dat ek allegear útsykje?

Mar ik tink wol dat dat derby heart. As sjoernalisten allinnich mar it nijs oerbringe dat de regearing fertelle wol, is dat gjin earlik nijs. Dan krije de minsken ferkearde ynformaasje en stimme se by de ferkiezingen miskien op de ferkearde partijen – no ja, op de partijen dy't de regearing wol, fansels. Dan kinne je net mear sizze dat it in echte demokrasy is, tink ik. En as de rjochters minsken straffe dy't tsjin de regearing yn opstân komme, kin it de minsken ûnmooglik makke wurde om wat oars te finen as wat de regering wol. Dat is net bêst.
Gana is ek in demokrasy, seach ik trouwens. Falt my ta. It wie it earste lân fan Afrika dat selsstannich waard nei de koloniale tiid. Dat wie yn 1957. It wienen eins fjouwer Britske koloanjes, dêr't se ien nij lân fan makken. Doe krige it ek de namme Gana. Dy namme hienen se ôfsjoen fan in âld Afrikaansk ryk dat op in hiel oar plak lei en dat Gana hjitte. *Weird*. Krekt as soenen oaren Nederlân, België en Dútslân byelkoar smite en dat ynienen 'Skandinavië' neame ofsa. Belachlik toch? Ik wist trouwens hielendal net dat der ek al Afrikaanske lannen wienen fóár de koloniale tiid; tocht altyd dat it in grutte woestyn wie mei wat

earme wylde minsken sûnder lân en sûnder beskaving. Krekt as de yndianen yn Amearika. Bytsje jeie en fiskje en hynsteride, yn knusse tinten en hutsjes wenje. Moai libben eins wol. Mei in sterke stoere jager ûnder in wetterfal swimme, whoeiii.
O nee, wetter is der net folle yn Afrika.

Okee okee, ik mei net diskrim… nee ik bedoel, hoe hjit soks ek alwer? Stereotypearje. Dat je tinke dat alle Yndianen, Eskimo's, Afrikanen en Aziaten derútsjogge as op in bernetekening. Hoewol't ik dêr neat ferkeards mei bedoel. Mar ja, gefoelichheden, hè.

Miskien is dat wol presys wat Pollo bedoelt. Dat ik al sa'n byld ha fan Afrika, dat ik dêrom net mear de goeie fragen stel. Omdat ik tink dat ik it wol wit. Ik tocht ek te witten dat alle lannen dêr diktatueren wienen; no wit ik dat Gana in demokrasy is. Dat dus.



Dear Pollo,

Je hebt nog niet op mijn vorige mailtje gereageerd. Gelukkig maar, misschien. Dan kan ik het nog herstellen. Ik heb beter nagedacht over je woorden. Eerlijk gezegd weet ik nog steeds niet precies wat de juiste vragen zijn die ik je moet stellen. Maar ik begrijp wel dat ik nu te veel vooroordelen heb. Terwijl ik eigenlijk helemaal niets weet van jouw achtergrond, niet van Ghana en niet van … nou ja, dat ik eigenlijk van alles nog niet alles weet.
Misschien kun je beginnen met mij te vertellen over jezelf. Hoe ben je eigenlijk in ons land terechtgekomen? Waarom was je niet gelukkig in Ghana, maar later ook

niet in Nederland? Ik wil het graag weten. Misschien kan ik daarna wat betere vragen stellen.

Liefs
Klaske

Scriptie-note

1795. Het jaar dat alles anders werd in Nederland.
Een groep mensen die wel rijk was maar niet van adel, en dus geen macht had, kwam in opstand en verjoeg de adel. Ze noemden zich 'patriotten'. Revolutie!
Dat hadden ze afgezien van Frankrijk. Daar hadden ze een paar jaar eerder ook zo'n opstand gehad, de Franse revolutie.
De gewone Fransen eisten dezelfde rechten als de adel.

Liberté, égalité, fraternité!
Vrijheid, gelijkheid, broederschap!
De slogan fan de Frânske revolúsje

De revolutie lukte, in Frankrijk. En daarna ook in Nederland. Iedereen werd er blij van, eindelijk kregen mensen allemaal dezelfde rechten. Het maakte nu niet meer uit of je van adel was of niet, uit welke familie je kwam, wat je beroep was of naar welke kerk je ging. Alle mensen waren evenveel waard en moesten alle kansen krijgen om zich te ontwikkelen.
Dit heet De Verlichting.
De Verlichting wordt in Europa gezien als het begin van de moderne tijd, waarin alle mensen vrij zijn om te doen wat ze willen.

De patriotten kregen het voor elkaar om voor het eerst in Nederland verkiezingen te organiseren voor het parlement waaraan iedereen mee mocht doen.

No ja, allinnich mannen dus, grrrrr

In foto. Hûnderten minsken stean ticht tsjininoar oan op 'e kade, neist in grut skip. Op it skip stiet grut 'Sea-Watch' skildere. Om de groep minsken hinne stean keardels yn unifoarm mei 'Carabinieri' derop. In soad minsken yn de groep hawwe sa'n termotekken fan goudkleurige foly om har hinne slein dy't fel ôfstekt by har donkere gesichten. It binne Afrikanen. Froulju, bern, mar foaral in soad mannen. Jonge mannen faak, soms lykje it noch mar pubers – tink dat se net âlder binne as 14, 15. Se sjogge der allegear wurch en eangstich út. Guon stean op bleate fuotten of stikkene *sneakers*, de measten hawwe ien of twa plestiktassen yn 'e hân of op 'e holle. Achter de groep rinne mannen fan de boat ôf mei oranje *body bags*.
De foto is naam yn de simmer fan 2015 yn de haven fan Lampedusa, in eilân yn de Middellânske See tusken Libië en Italië.

En Pollo stiet yn de groep.

Net dat ik him herken. Mar hy seit it sels. Hy mailde my de foto. En skreau dat hy mei dy groep meireizge. Yn Libië wienen se mei boatsjes de see oerstutsen nei it eilân Lampedusa ta. Mar op see gie it mis. Guon boatsjes wienen te swier beladen en driigden te sinken. In marineskip kaam foarby. Pollo en syn reisgenoaten swaaiden om help, mar de boat joech fol gas en

makke hege golven, sadat in stik as wat boatsjes omsloegen. Godtank dat fan Pollo net. Mar hy seach wol dat tsientallen minsken yn de see telâne kamen, dat hieltyd mear fan har kopke-ûnder gienen en net mear boppe kamen.

Nei in skoftke kaam der in oare boat, in grutten. Dy pikte de minsken út it wetter op dy't noch net ferdronken wienen. En dêrnei de oaren dy't noch yn de boatsjes omdobberen. Ek Pollo koe op it grutte skip fan syn rêders komme en waard sa nei Lampedusa ta brocht.

Fan Lampedusa gie er mei plysjes mei nei de fêstewâl fan Italië. Dêr hat er lang fêstsitten, mar – en hy woe net sizze hoe – op ien of oare wize is it him slagge om te ûntsnappen. Te foet is er fierder troch Europa reizge. Tûzenen kilometers. Soms allinnich, soms mei oaren. Stel dy foar. Alle dagen oerenlang rinne, bûten sliepe. Hoe komme je oan iten en drinken, wêr kinne je poepe? Wat in ellinde.
In pear jier lyn lies ik in jeugdboek, 'Wês net bang (mar wol foarsichtich)'. Dat giet oer in Syrysk famke dat ek sa'n reis makket. Ik ha in pear kear gûld doe't ik it lies. Ferskriklik wie it. De hiele dei, en foaral de nacht, siet fol mei gefaren. Se waarden bestellen, ynelkoar slein, ferkrêfte, útskolden en alles. As je sa'n reis folbringe binne je in held, seker as je noch mar in bern binne.

En Pollo wie dus ek minderjierrich. In AMV, 'Alleenstaande Minderjarige Vreemdeling'. Hielendal yn syn ientsje út *fucking* Gana wei. Allinnich al fan Gana nei Libië is tûzenen kilometers, foar in grut part dwers troch de Sahara. Yn Libië kaam er yn hannen fan minskesmokkelers dy't him freeslik behannelen. Dêrnei dy libbensgefaarlike see oer yn gammele boatsjes, en dan noch dy ellindige tocht troch Europa. Allemachtich.

I spent a lot of time with other refugees in Europe, always different combinations of people including many from Syria. There was a terrible civil war there with all kinds of horrifying atrocities, and many people fleeing the country. From Eritrea too since there's a lot of oppression there as well. Similarly in other African countries like Senegal, Gambia, Ivory Coast. Countries with high levels of poverty where young people have few prospects for a good future. It makes sense that they'd leave.
I think I was the only one from Ghana. Things in Ghana are actually pretty good. The economy is doing quite well, there's plenty of employment and not much hunger. When my parents were young, it was a different story. Back then, loads of people from Ghana went to Europe, including the Netherlands. But with things going much better now, nearly everyone stays in Ghana. It's more difficult, though, if you're part of a small minority which is why I left.
The journey to Libya cost a few thousand dollars so I had to save up for a long time. I crossed the Mediterranean with different traffickers which cost a few thousand too. But in exchange you get a nice long trip, full of adventure, a "life-changing experience" – and great company, ha ha.

Hy soe der folle mear oer fertelle kinne – en ek wol wolle, tink ik. Mar hy wachtet op 'de goeie fragen' fan my. Om gek fan te wurden. Ik ha him ien steld.

Tot welke minderheid behoor je?

En krige in antwurd dat ik net ferwachte hie. Mar dat my wol better begripe lit wêrom't der hieltyd sa'n spanning wie tusken Pollo, Darshan en my. Hy besocht my by Darshan wei te hâlden, ik hie faak it gefoel dat er Darshan foar himsels ha woe ofsa. Mar ik snapte net wêrom. No wol, miskien.

LGBTIQ+.
The G.
Or B, actually.

O god nee, dan moatte je fansels net yn Afrika sitte. 😳 Dêr binne se sa fier noch net mei homo-akseptaasje. Wy dogge der hjir hiel *relaxed* oer. In homo is gewoan in homo. Je binne it iene of it oare, makket net út. Allinnich in bi moat noch eefkes kieze. Klear, net oer seure.
Neffens my hat dat mei dy Verlichting te meitsjen. *Liberté, égalité* ensa. Elk is frij om te wêzen wa't dy wêze wol. En we binne allegear gelyk; no ja, lykweardich yn elk gefal. Dy Verlichting hat ús net allinnich de moderne demokrasy brocht, mar ek frijheid. Frijheid fan it yndividu.

Scriptie-note

Het feestje van de Verlichting werd trouwens al snel weer verstoord. Want niet alleen de democratische ideeën waaiden vanuit Frankrijk hiernaartoe, ons land kwam onder grote invloed van de Fransen te staan. Ook militair. In *no time* waren we gewoon bezet door Frankrijk. Niks democratisch aan.
In 1815 kwam een einde aan deze bezetting en vertrokken de Fransen. Toen werd de democratie voorzichtig opnieuw ingevoerd. Maar de koning zorgde ervoor dat zijn vrienden van de adel de macht hielden in de Senaat.

Eins dus werom nei de tiid
foár de revolúsje?

Steeds meer mensen waren daar ontevreden over, en in 1848 kreeg Nederland een nieuwe grondwet (de superwet waar alle andere wetten aan moeten voldoen).

Dy is toch fan Thorbecke?
Eefkes checke.

In die grondwet verloor de koning zijn macht en mocht hij ook niet meer zijn vrienden benoemen in de Senaat.
Nu kreeg het volk echt de macht om door verkiezingen te bepalen wie er in de Tweede Kamer en in de Eerste Kamer zouden komen.

Dus Nederlân is eins noch mar
sa'n 175 jier in echte demokrasy.
Sûnt 1848

Sûnt dy tiid is elk yndividu frij om him te ûntwikkeljen sa't dy dat sels wol. Allegear binne we unike, selsstannige wêzens. Prachtich fyn ik dat. En dat moatte we koesterje. Minsken út oare kultueren meie dat net oantaaste, wy moatte ús eigen wearden ferdedigje.

In stik minder goed begryp ik wêrom't Pollo weromgien is nei Ghana. Hjir by ús is hy ommers frij, kin er sizze, dwaan en seks ha mei wa't er wol. Krekt as ik (lang lyn alwer 😉).

Net oan seks tinke no. Ik moat oan it wurk. Mei demokrasy. Neffens my wit ik al in hiel soad, mar it sjit noch net op om dêr in echte skripsje oer te skriuwen.
Ik fyn it folle leuker om mei dy sieraden om te prutsen. Juster ha 'k wat nije klean binnenkrigen. Fan ien en deselde keten. Wintertruien. Moai guod. De earhingers mei swarte stientsjes dogge it dêr goed by, lekker waarm en *classy.*

Moarn sil ik nei de klimaatdemo. Sin yn. Stop fossyl! Gjin koalesintrales mear. Nergens mear, ek net op oare kontininten. Oars binne wy gekke Henkie wer. Straks draait Europa op skjinne enerzjy en bliuwe se yn oare dielen fan de wrâld mar trochstoken. Dat kin fansels net. It skynt dat der yn Sina withoefolle nije koalesintrales boud wurde. Dêr ha se noch net dat bewustwêzen dat wy ha. We sille keihurde ôfspraken mei se meitsje moatte, want sels pikerje se nergens oer fansels. Krekt as yn Súd-Amearika en Afrika, dêr stean stêden noch blau fan de smog en smite se alle ôffal gewoan op in bulte yn it lân. Lêsten seach ik op YouTube grutte bergen mei klean ergens yn Afrika op in strân lizzen. Dat rêde se net iens op. No ja, dêr demonstrearje wy moarn dus foar, om alle lannen derop te wizen dat se ophâlde moatte mei fersmoargjen.

By ús moat it ek better, mar wy rinne wol foarop.

Ik ha wat fan de nije klean al klearlein: in moaie grize *oversized* trui, dy docht it goed by sa'n gelegenheid, tink ik. Hy liket lekker *vintage*, hâld ik fan. 😁 En lekker guodkeap, tritich euro. Salang't ik noch gjin sponsors ha, moat ik toch wat op de priis lette, seker as ik safolle klean keapje.

2

Se ha my hielendal checkt.
Neat brutsen.
Gjin bonken teminsten
no wolle se noch sjen oft ik net in skuor yn de milt ha
ofsa
of skea oan oare organen
Of in harsenskodding.
Dus moat noch eefkes bliuwe
Bin beroerd en mislik,
niiskrekt alwer spuid
Holle draait, eagen stekke, earen piipje
Kin ferdomme echt net laitsje, dat docht *motherfucking* sear.
Krekt op de telefoan dizze pear sinnen typt. Mear slagget net.
Letter mear.

Lis op de Spoedeisende Hulp.

•—

Okee, *here's the story*. Ik gie dus nei dy klimaatdemo, pear dagen lyn. Moai protestboerd hie 'k makke. 'Jou biefstuk of mijn toekomst.' Yn de trein koe ik der noch gau in w tusken prutse, dat foutsje seach ien. Ik ha mar net sein dat ik sjoernalistyk studearje, hahaha – au! Net laitsje, grrdbvrdgrr#&@}***!!😬

De hiele kûpee siet fol mei studinten dy't meigienen. Moai. Fijne sfear. De trui stie my goed, tusken dizze minsken. De hingers hie 'k toch noch ferfongen troch in pear knopkes mei

wat piercings derby. Dat is stoerder. Ik wie fan plan om ek wat te filmjen foar in tiktok. Tink dat it goed is om myn folgers sjen te litten dat ik hjirhinne gean.
Op CS kamen mear demonstranten, en yn in grutte groep gienen we nei it startplak ta. Tûzenen minsken jonguhh, moai man. En foaral jongeren.

What do we want?
Climate justice!
When do we want it?
Now!!

Mar it wie foaral gesellich. Prachtich om mei te meitsjen dat der safolle jongeren binne dy't har soargen meitsje en belutsen fiele, yn elk gefal ree binne om de strjitte op te gean mei spandoeken. En allegear *relaxte* lju. In pear koenen my fan Present! Dy hienen filmkes sjoen, ien hie sels de podcasts harke. *Cool*! 'Hier, Nu!' rôp der sa no en dan ien nei my. It is natuerlik allegear foar de beweging, mar stikem fûn ik it toch wol stoer dat se my herkenden.

Op ientsje nei. Dat hie ik leaver net hân.

Mar dat wie letter. Earst wienen der taspraken op it poadium. In pear politisy dy't sokssawat seinen as dat we no yn aksje komme moatte of dat soarte fan *bullshit*. Wat tinkst dat we oan it dwaan binne, *boomer?!* Ik stean hjir toch net foar de gratis muzyk, of wol. Hoewol't dy wol aardich tof wie, trouwens. 'k Koe se net. Bytsje Rapper Boeverich.

Anyway, in pear sprekkers wienen wol aardich, en doe rûnen we mei syn allen fierder troch de stêd. Protestbuorden omheech en roppe mar. Neist my rûn in jonge frou dy't ik earst net yn 'e gaten hie; mar as ik wat better sjoen hie, hie ik witte kinnen dat se wol by Darshans byienkomsten kaam. Har gesicht kaam my faach bekend foar. Net frjemd, want se sjocht der echt oars út.

JOUW
BIEFSTUK
MIJN
TOEKOMST

Se koe my ek.

“Jij bent van Present.”

“Ja”, sei ik, en ik neamde myn namme. Sy hjitte fan Gulbahar. Ik moast it twa kear neifreegje. Se prate wat mei in aksint. En ja, sorry hear, dat soart nammen ferstean ik net allegear yn ien kear.

“Klinkt wat Turks”, sei ik. “Kom je uit Turkije?”

“Nee.” Mear sei se net.

“Uit welk land dan?” In sjoernalist freget altyd troch. 😛

“Het land is China.”

Dat fûn ik in bytsje in frjemd antwurd. Tenearsten seach se der net Sineesk út, twads klonk har namme net Sineesk, treds is it raar om ‘Het land is China’ te sizzen. Je kinne ek gewoan ‘Ik kom uit China’ sizze. Mar dat sil wol troch har taalachterstân komme. Dus ik gie dêr net op yn.

“Goed dat je hier bent”, sei ik mar.

“Waarom goed dat juist ík hier ben?”

Jeu, wat in fijannich antwurd. Hie se mar gewoan reagearre, dan hie ik no net op ’e bank lein. Dêr lis ik no dus al hast de hiele wike. 😒 Ien nacht yn ’t sikehûs west, de oare moarns mocht ik nei hûs ta. Us mem hat my ophelle mei de auto. Ik lei my stikken op ’e achterbank. Elke hobbel gie my dwers troch alles hinne. Myn ribben binne kniesd, sei de spoedeaskjende dokter, of hoe hjit sa’nien? Yn elk gefal, ik ha swiere pynstillers meikrigen (tramadol, wurde je lekker *high* fan, jonguuhh 😜) en moat der rekken mei hâlde dat ik in pear wiken lang in sear liif hâld en net folle kin. Oant no ta kloppet dat, ik ha de ôfrûne dagen hast allinnich mar sliept. En flokt omdat elke beweging my sear docht. 😫 Kutsoai.

Dat kaam dus fanwege dat gesprekje mei dy Gulbahar.

Ik sei dat ik it goed fûn dat sy der wie. Omdat, no ja, sy is dus Sineesk. En yn Sina witte se net folle fan klimaat, of se dogge

der yn elk gefal neat oan. Dus ja, dan is dat toch net sa'n rare opmerking?
Fûn sy wol.
Ik sei dat West-Europa foaroprint mei klimaatbelied, en dat it goed is dat minsken út oare parten fan de wrâld dat ek sjogge en meihelpe wolle. Prima antwurd toch?
Fûn sy net.
"Jij weet echt niet veel", sei se fel.
Dat fûn ik nochal in kutopmerking, mar ik hold myn fatsoen.
Ik frege hoe't se dêrby kaam. Doe wiisde se op myn trui.
Dêr hie ik gjin sin yn.
"Is gewoon van natuurlijk materiaal, hoor." Dat tocht ik teminsten, earlik sein hie ik dêr noch hielendal net nei sjoen. Doch ik noait.
"Dan moet die duur geweest zijn", sei Gulbahar.
"Paar tientjes, meen ik."
"En jij vond dat een prima prijs."
Ik knikte. Ja, ik sil har oan 'e noas hingje dat ik net mear betelje kin, seker. 😬 Se pakte my by de nekke – teminsten, dat tocht ik; mar se grypte nei it label yn de trui en luts it sa hurd nei har ta dat ik hast achteroer foel. Ik gilde. Mar dat boeide har net. Se lies wat der op it etiket stie.
"50% acryl. Echt natuurlijk", gromde se. "Wist jij dat kleren gemiddeld zeven keer worden gedragen? Zeven keer! En dan worden ze weggegooid."
"Ik doe het in zo'n kledingcontainer", protestearre ik.
"Ja, en een paar weken later ligt het in Afrika op een grote hoop", sei Gulbahar. Want recyclen in Europa is te duur. Vinden jullie. Dus gooien jullie het maar gewoon daar op een bult, lekker uit het zicht van jullie veilige wereldje."
Dat wist ik net. En ik woe dat se my losliet. Mar se bleau my fêsthâlden, it etiket noch altyd stiif yn 'e hân.

“En waar wordt dit gemaakt, denk je?” bitste se.
Ik doarst neat mear te sizzen. Sil wol net yn Nederlân wêze, bin ’k bang.
“Staat er niet in”, seach se. “Maar ik weet genoeg. Veel van deze kleding komt uit China.”
“Dat zou best kunnen. Is dat zo erg?”
“Goede kans dat het uit mijn provincie komt. Xinjiang.”
“Oké.” Wat moast ik dêr oars op sizze.
Se seach my oan. “*Doesn’t ring a bell*, zie ik?”
Ik skodholle foarsichtich. “Sorry, ik ben niet goed in topo. Nederlandse provincies weet ik maar amper. Dus Chinese … ”
“Maar je hoort wel dat mijn naam Turks klinkt. Dat is goed. Ik ben niet Turks, maar een Oeigoerse.”
“Oké, *good for you*.” Ik waard krigel, fielde my fernedere trochdat se my noch altyd sa fêsthold. Minsken om ús hinne seagen nei ús. Myn opmerking makke har lilk. “Dat zegt je dus ook al niets. Zoek maar een keertje op, schatje.”
Schatje! Se sei it echt! De trut! Ik moast har fluch dúdlik meitsje dat ik net mei my solle lit.
“Dat zal ik zeker doen. Ik ben journalist”, sei ik sa stoer mooglik. Om sjen te litten dat ik net dom bin. Of miskien wol om mysels moed yn te praten.
Mar dat wurke krekt ferkeard om. Se begûn keihurd te laitsjen. “Hahaha, een journalist die niet weet waar haar kleren vandaan komen, niets weet van milieucriminaliteit en niets weet van het geweld tegen Oeigoeren. En dat loopt hier te demonstreren, *honey*? Hahaha!”
En yn ien beweging treau se my fan har ôf. No wie ’k yn elk gefal wer frij, mar se treau sa hurd dat ik stroffele en op ’e grûn foel. Minsken kamen om my hinne stean. Sa fluch mooglik kaam ik wer oerein. Mar toch fielde ik my lyts wurden. Miskien hie se wol gelyk. Mar hee, moat ik sa oer my hinne pisje litte?

Nee toch?! Dus ik sei dat se wat dimme moast. En noch wat yn ’e trant fan dat se bliid wêze mocht dat se no yn it westen libbe en hjir frij wêze kin.
Dat hie ’k dus net sizze moatten.
Se gilde dat ik in ferwende hypokryt bin mei westerske eachkleppen op. En rôp dat ik dy trui eins stellen hie, fan de Oeigoeren, en dus fan har.
No begûnen oaren har dermei te bemuoien. Ik hie in trui stellen, tochten se ynienen. In dief! Wylst ik der tritich goudearlike euro’s foar betelle ha. Se fregen Gulbahar wat ik dien hie. Dy bleau mar sizzen dat dy trui hielendal net fan my wie. En de minsken kamen op my ôf. Driigjend.
Se sizze altyd dat je by gefaar trije dingen dwaan kinne: fjochtsje, flechtsje of befrieze. Soks is gjin beslút, mar in refleks fan je lichem. Eefkes tocht ik dat ik befrieze soe. Mar nei in tel sette ik it op in draven. Ik wit net wêrom, it gie hast fansels. Mar ik wie bang en woe hjir net wêze. Fuort! Drave! Ik wrotte my tusken de minsken troch. Lang net elkenien gie direkt oan ’e kant, ik rûn by minsken op. Dat makke my noch panikeriger. Drave!
Nei in minút ofsa waard de minskemassa wat tinner en kaam der wat romte. Ik slingere oeral tuskentroch, woe sa fier mooglik fuort. Drave, drave! It bûnze my troch it hiele liif, krekt as gie myn lichem mei my op ’e rin. Stilhâlde woe net mear. Drave! By de minsken wei, de strjitte út, de hoeke om. En noch in hoeke …
En doe wie it ho. Boem. Ik ha der neat fan fernaam, kin it momint echt net weromhelje. Mar se ha it my ferteld. It wie in tram dy’t oanriden kaam en dy’t ik noait sjoen hie. Ik bin der sa tsjinoan knald. Godtank is er net oer my hinne riden, mar sloech ik werom, achteroer op it asfalt. It skynt dat it flak by in sikehûs wie en dat se my dêr sa hinne droegen ha.

Wat sille se my útlake ha yn it sikehûs. ‘Meisje van het platteland in de grote stad, die heeft natuurlijk nog nooit een tram gezien, hahaha’. 🙄
Der sit bloed yn myn trui, wit net oft dat der noch wol goed út wol. Oars smyt ik ’m fuort. Wat wie ik bliid dat ik dy hingers of ringen net yn hie, ik hie myn earlellen wol útskuorre kinnen.

•—

It foardiel fan alles is dat ik no wol in soad tiid ha. Ik hoech nergens hinne en neat te dwaan. Sporten is *out of the question*. Bytsje op ’e bank hingje en sa no en dan eefkes op ’e stoel sitte. Mar as ik in oerke sitten ha, moat ik alwer lizzen gean, sa sear docht myn liif dan. En dêr wurd ik deawurch fan, dus dan fal ik wer yn ’e sliep op ’e bank. De dokter seit dat dat normaal is. It moat gewoan syn tiid ha. Dy tramadol lit my sweve, soms. Mem komt hieltyd tee en iten bringen, dat is fijn. Wol yrritant dat se alle kearen wer opnij freget hoe’t it mei my giet. En myn temperatuer opnimme wol. 😉 Wat in *bullshit*.

Niet scriptie, wel note
Oeigoeren zijn verwant met Turken.
Xinjiang is de meest westelijke regio van China. De Oeigoeren vormen daar bijna de helft van de bevolking. Ze zijn moslim en hebben dus een heel andere cultuur dan de Chinese.
Maar China accepteert dat niet en onderdrukt hen. Ze mogen eigenlijk geen Oeigoeren zijn. Veel van hen worden opgesloten in heropvoedingskampen. Daar worden ze Chinees gemaakt: ze krijgen les in Chinese taal en cultuur. Volgens onderzoekers zijn er wel 1400 van deze kampen, waar in totaal zeker een miljoen Oeigoeren gevangen zitten. Er zijn verhalen over

martelingen en gedwongen sterilisatie van vrouwen.
En ze moeten slavenarbeid verrichten. Gedwongen werk voor amper salaris. In en rond de kampen, waaruit ze niet kunnen ontsnappen, want er zijn hekken met prikkeldraad, wachttorens en bewakers met wapens.
Veel slavenarbeid van de Oeigoeren is in de textielindustrie. Ze maken kleding. Omdat ze amper salaris krijgen, kunnen de Chinezen deze kleren heel goedkoop exporteren, waardoor wij voor een spotprijsje truien, broeken, jassen en schoenen kunnen kopen.

En dat wist ik dus allegear net!
Hie ik dat witte moatten?

Darshan wie hjir niis. Dat fûn ik leaf. Hy hie heard fan it ûngelok en kaam echt om te treasten. Hy koe har noch wol, dy Gulbahar. Mar dat fan de Oeigoeren wist hy ek net. Gelokkich bin ik net de iennichste. 😐 Darshan sei dat dat yndied in grut probleem is fan ús yn it westen, dat wy fierstente min witte fan wat der op oare plakken yn 'e wrâld gebeurt.
Ja, duh! Moatte wy dat allegear mar gewoan witte dan? Se sille dêr toch ek net alles oer ús witte? Mar Darshan sei dat it kloppet dat ús gedrach hjir te'n koste giet fan minsken dêr. Dat wy te min betelje foar klean, mar ek foar ús iten en drinken. Eins foar alles. Ek telefoans, kompjûters, auto's. It sit allegear fol mei materiaal dêr't we eins folle mear foar betelje moatte soenen. Grûnstoffen dy't troch minsken dêr út minen helle wurde moatte, wat libbensgefaarlik wurk is dat striemin betelle wurdt – soms binne it sels bern dy't dat wurk dwaan moatte. En we ha tegearre eefkes googele. It kloppet dat Oeigoeren ûnderdrukt wurde troch Sina, en dat in soad fan ús klean presys yn dy

provinsje makke wurde troch Oeigoeren dy't dêrta twongen wurde.
Dat is wol kut, ja.
Ik ha der niiskrekt in *note* fan makke.
Mar wat kin ik dêr fierder oan dwaan? As ik it jild al ha soe, en ik soe twa kear safolle foar dy trui betelje yn de winkel, dan giet de winst gewoan nei dy winkel ta, dy bringe dat echt net werom nei dy provinsje Oeigoer … nee, nei Xinjiang ta. En as ik neat keapje soe dat dêrwei komt, ha se dêr hielendal gjin wurk mear en komme se om fan 'e honger.
Darshan sei dat we it dêr miskien oer ha moatte by Present: hoe kinne jongeren helpe de wrâld earliker te meitsjen? Dat we dêr net fuort in antwurd op ha, is eins presys wêrom't we dêr meielkoar oer neitinke en prate moatte, fynt hy.
Miskien moat ús earstfolgjende jongerenberied dêroer gean, stelde Darshan foar. Ik fyn it niks. Dat hoege wy net te dwaan, lit dat kutwiif har dêr mar drok oer meitsje. Ja sorry hear, ik wol echt wol myn bêst dwaan om oer de wrâld nei te tinken, mar se hat my wol sa slim bedrige dat ik tsjin in tram knald bin, dus ik fyn har noch altyd in kutwiif. Eins soe ik oanjefte dwaan moatte fan bedriging. Mar se hat my fierder neat oandien, dus dat sil wol net slagje. Dêr baal ik fan. No lit ik har der samar mei weikomme, wylst ik hjir yn 'e knûkels op 'e bank lis. Ik moat wat betinke om har fernimme te litten dat se te fier gien is. Fierstente fier.
Ik ha Darshan trouwens wol ferteld dat ik wat kontakt ha mei Pollo. Fûn er prima. Falt my ta. Darshan is toch wol in toffe gast. Mar hy moat him net mear bemuoie mei de jongerenberieden.

It is net te *fuckin'* leauwen! Sa lilk ha ik neffens my noch net earder west. 😤 Te lilk om te skriuwen. Moarn fertel ik it wol.

Komt 'ie:

Justermoarn belle Darshan.

Hy hie in mailtsje binnenkrigen op myn Present-account. Hy en Pollo behearden altyd alle Present-accounts, ek dy fan my. Stom eins dat ik dêr sels net by kin. Mar gelokkich hâldt Darshan it yn 'e gaten. It wie in mail fan dy *bitch.* Se easket dat ús earstkommende jongerenberied gean moat oer '*western hypocrisy*'.

Hahaha, *yeah right, you stupid cow,* tocht ik. Easkje mar in ein hinne, do tinkst toch echt net dat ik fan plan bin om te dwaan watsto seist? Dus ik sei tsjin Darshan dat hy har mar antwurdzje moast dat ik myn kont ôffei mei har fersyk.

Mar fuort dêrnei krige ik in filmke trochstjoerd fan Darshan. Ik herkende it dalik! Dat wie iksels, yn ien fan myn *stories* fan in pear wiken lyn. De twa shirts dy't ik sjen lit ha ik al fuortflikkere – ik ha se nei dy *post* noait mear oan hân.

Mar ik hear mysels totaal oare dingen sizzen as wat ik doe op insta sein ha.

"Hi, daar ben ik weer. Je weet wel, het onnozele snolletje dat zo graag kleding toont, omdat ik zo graag *influencer* wil worden. Waar deze kleren vandaan komen … ik heb echt geen flauw idee, joh. Boeie! Misschien wel gemaakt door kinderen, hahaha! Die krijgen daar bijna geen geld voor. Dat is fijn, want dan kunnen ze ook geen eten kopen, dus dat scheelt ze weer in de kosten, hahaha! En zo blijft er voor ons wat meer over. Nou, en wat denk je van deze rok? Exotisch tintje, hè? Dat klopt, want hij is gemaakt op een heel exotische plek: in een concentratiekamp

van Oeigoeren. Leuk hè! Dat geeft de rok een mooi accentje. Binnenkort een nieuwe *post*, dan laat ik je zien waar je de goedkoopste broeken kunt scoren die in smerige fabrieken zijn gemaakt door jonge meisjes die 16 uur per dag moeten werken, zeven dagen per week. Maar dat geeft niet, want zo kun jij lekker goedkoop aan je spullen komen. Tot gauw!"

Ik koe it hast net leauwe. It wie echt myn gesicht, myn stim, myn klean. Alle bewegingen, it oan- en útlûken fan de shirts en rokken, ik ha it allegear dien. Mar dizze wurden ha ik dêr noait by sein!

Deepfake.

Yn panyk belle ik Darshan. Dy fertelde dat Gulbahar skreau dat dizze *story* noch net online set is, mar dat se dat dwaan sil as ik net op har easke yngean.

Ik sei tsjin Darshan dat ik direkt nei de plysje ta stappe soe. Mar hy tinkt dat it ferstanniger is om dat net te dwaan. Hy is bang foar de beweging fansels, dat dy wer yn opspraak komt as ik mei dit ferhaal *viral* gean. Neffens him is Gulbahar echt yn steat om soks te dwaan; hy wit dat se hiel aktivistysk is, mar woe net sizze wat en hoe.

Ik baal hjir echt as de hel fan. 😤

'k Ha dus noch gjin oanjefte dien, hoewol't myn hannen jokje. Mar ik moast Darshan belove dat ik my stilhâlde sil. Us mem fynt it superstom fan my. Miskien hat se wol gelyk. Ik wit it net. Alles is hjir superstom oan. Mar hoe lilker ik bin, hoe mear pine ik fiel yn myn ribben. Ik moat my rêstich hâlde.

Troch alle gesoademiter ha ik al in skoft gjin kontakt mear hân mei Pollo. Neffens my ha ik noch net iens reagearre op syn lêste LHBTIQ+-opmerking. Mar dat moat mar eefkes wachtsje, ik ha no earst wat oars oan 'e kop.

Noch gjin oanjefte dien. Dat fielt swak. Mar ik ha my toch omlulle litten troch Darshan. En miskien hat er ek wol gelyk: salang't it net *online* is, hat se offisjeel neat misdien, tink ik. Mar it fielt as in tikjende tiidbom.
Mei Darshan ha ik in soad praat, juster en earjuster. Hoe't er it docht is my in riedsel, mar op ien of oare manier slagget it him altyd om de lilkens út my wei te krijen en my ta rêst te bringen. En op oare gedachten te bringen, dat ek. Hy wol oeral it goeie fan sjen, ofsa. Dat er net mear lilk is op Pollo fyn ik ek knap fan him.

Mar no lis ik hjir wer op 'e bank te pikerjen en te twiveljen. Ek oan Darshan. It fielt toch ek as hat er my yn 'e steek litten troch dy *bitch* net oanpakke te wollen. Darshan feroardielet dit soart aksjes, seit er. Mar hy besiket te begripen wat de achterlizzende oarsaken binne. En dan kin er him foarstelle dat Oeigoeren, en miskien wol folle mear minsken fan allegear oare parten fan 'e wrâld, reden ha om teloarsteld te wêzen, of lilk. En as der net nei harren harke wurdt, moatte se wat oars betinke om oandacht te krijen. Seit hy.

No, dat is dy *bitch* aardich slagge.

Darshan lei út dat dat eins presys is wêr't Present oer gean moatte soe, oer troch in oare bril nei de maatskippij en de problemen te sjen, en sa meielkoar te sykjen nei nije mooglikheden en perspektiven. Foar jongeren.

Ja duh, dêr hoege wy toch net fuort de hiele wrâld by te belûken? We hawwe it hjir al dreech genôch, yn dizze regio, yn dit lân. Kom op, sis. We soenen in boargerberied ha oer hoe't jongeren mear ynfloed yn de maatskippij krije kinne, yn Nederlân. Litte we it asjeblyft net noch folle yngewikkelder meitsje.

Hoe langer ik deroer neitink, hoe minder leuk ik it fyn wat Darshan my besiket oan te praten. Eins baal ik as in stekker fan him. Hy sit my in kant op te drukken dêr't ik hielendal net nei ta wol. Hy bûcht foar Gulbahar en lit my stikke. En ik ha krekt ferlet fan ien dy't my helpe wol. Slach in earm om myn skouder asjeblyft. Ik bin slachtoffer fan sjantaazje, en dan soe ík tajaan moatte? *Fuck you!*

Ik ha hjir gjin sin yn. Sil mar eefkes maile mei Pollo, dat is teminsten wat oars.



Hi Pollo,

Hoe gaat het met je? Sorry dat het lang duurde voordat ik op je laatste berichtje reageerde. Maar er is hier veel gebeurd. De lange versie zal ik je besparen, maar het verhaal in het kort: ik ben gewond geraakt tijdens een klimaatmars waar ik aan meedeed. Beetje kloterig allemaal. Ik lig thuis op de bank, moet een paar weken rustig aan doen.

Maar genoeg over mij. Dat van die LGBT, dat wist ik helemaal niet. 🤔 Waarom heb je dat niet gewoon verteld toen je bij ons was? Heb ik helemaal geen problemen mee, hoor. Beetje bi vind ik zelfs wel kinky, haha.

Is dat dus de reden waarom je destijds bent gevlucht uit Ghana? En waarom ben je dan teruggegaan? Is het nu veiliger? Wil je daar blijven? Was je niet gelukkig in Nederland?

Dikke knuffel,
Klaske

Dat fan dat *kinky* slacht eins nergens op. Mar soms fyn 'k it gewoan leuk om even stoer te dwaan. Sorry.



Hey Klaske,

Nice to hear from you again. Your answer was a long time coming. I was afraid that my confession had scared you off. Glad it's not a problem.

Sorry to hear about what happened to you. Were you seriously injured? It wasn't some dickhead beating you up was it? We've had bad experiences with that at Present (sorry for the lame attempt at a joke).

I could tell you a lot about my background and the reasons I came back here but that's not going to work in just one email. I don't know if I'm going to stay in Ghana this time. What I do know is that I've missed my country. The Netherlands is so cold – and I don't just mean the weather. Everyone's focused on themselves and pay little attention to each other. It's like they're all little bouncy balls shooting off in different directions, bumping into each other and then bouncing off again. No one really holds on tightly to anyone else, no one's really involved with other people, not even within families.

It's different in Ghana. People here live in much more tight-knit communities. I've missed that. Even though my community doesn't really approve of me because of my sexual preference. Let me tell you, it's very Christian here. Most people go to church, where it's not exactly gay friendly. It can lead to big problems in families if one of the children isn't straight. And yeah, that's what

happened with us, so I had no choice but to leave.

I'd like to tell you more. Anyway, I'm pleased that you're showing some interest now and that we can talk to each other properly again.

Lots of love,
Kwasi Prosper

Lieve Kwasi,

Zal ik je dan voortaan toch maar Kwasi noemen? En is Prosper je achternaam? Hoe zit dat ... ik snap het niet helemaal, maar zal m'n best doen om je te noemen zoals jij dat wilt.

Nee, ik ben niet in elkaar geslagen door een klootzak. Wel bedreigd door een vrouw! Een Oeigoerse. Ken je dat volk? Komen uit China en worden onderdrukt. Zij vond het stom dat ik daar niets van wist. Nou ja, ik heb geloof ik ook wel wat domme dingen tegen haar gezegd. En toen moest ik vluchten en ben ik een beetje gebotst. Never mind. Nu heb ik in elk geval tijd om met mijn scriptie over democratie aan de slag te gaan.
En voor Present ga ik weer een jongeren-burgerberaad opzetten. Weet nog niet precies hoe dat moet en waar dat over moet gaan. In elk geval moet het onderwerp 'meer invloed van jongeren op de maatschappij' zijn. Darshan vindt dat het over de wereld moet gaan - nu ja, over de negatieve invloed die wij met ons westerse gedrag op andere werelddelen

hebben. Is mij veel te moeilijk. Bovendien kniel ik dan voor die trut die mij bedreigt. Zij eist dat het jongerenberaad over 'western hypocrisy' gaat.
Je snapt dat ik baal van Darshan, die lult dus gewoon met haar mee. Dat is toch buigen voor chantage, vind je niet?

Sorry, ik praat alweer te veel over mezelf. Ik voelde echt verdriet toen ik je mailtje las. Wat treurig dat je thuis niet jezelf kon zijn en daarom hebt moeten vluchten. Dat lijkt me echt verschrikkelijk. En hoe jij onze maatschappij beschrijft … eerlijk gezegd zie ik dat niet helemaal zo. Maar als jij het zo ervaart vind ik dat klote voor je.

Wat kan ik voor je doen?

Dikke kus 😘
Klaske

Us mem is lilk op my. Omdat ik noch gjin oanjefte dien ha. Eins fyn ik dat se gelyk hat. Mar hallo sis, wat no as dy *deepfake shit* de loft yn giet?! Hoe moat ik dat yn godsnamme oan myn folgers útlizze? Of moat ik se fan tefoaren al warskôgje? Nee toch?! *OMG*, as dit werklikheid wurdt, bin ik aansen alles kwyt, dan is it yn ien kear dien mei Klaske!
It iennichste dat ik betinke kin om te dwaan is wat tiid winne. Sadat ik langer neitinke kin oer wat ik dwaan moat. Ik moat gau sûn en sterker wurde. Stadichoan knap ik wer wat op, leau dat ik gjin bliuwende skea oerhâldt. Kin alwer wat langer sitte en in bytsje omrinne. Ik moat allinnich noch net oan mysels sitte, hahaha. 😉 Ja *fuck*. No ja, ik kin it wol, mar as ik dan op it *moment suprême* in bytsje begjin te skokken, snijt de pine as in mes troch myn middenrif hinne, dat is echt net te

dwaan. Dus mar eefkes kalm oan, sil wol wer better wurde. En dy tramadol lit ik stean, dêr krij ik in rare holle fan.
Moarn sil ik nei fysio. Eins is dat gewoan in sportskoalle, leau ik, mar dan ûnder begelieding fan in fysioterapeut. Hooplik is it wat in knappe keardel. Mar net té knap, want ik kin noch net folle, myn prestaasjes sille fet ûndermaatsk wêze. Ik bedoel de sportprestaasjes, fansels. 😜

Ik ha in boekje lêzen oer hoe't je in jongerentop hâlde kinne. 't Is toch elke kear wer teringfolle wurk. It belangrykste is om fan tefoaren dúdlik te hawwen wat der dien wurdt mei de útkomsten fan it beried. Dus stel dat we meielkoar beslute dat de leeftiid om te stimmen nei ûnderen moat … dan kinne wy dat leuk beslute, mar wat gebeurt der dan? Dus we sille op ien of oare wize earst mei minsken út de polityk prate moatte en easkje dat dy dat dan oernimme sille. Mar ja, dy *boomers* sjogge ús oankommen …

Hoe langer ik deroer neitink, hoe mear ik it idee ha dat ús demokrasy hielendal op slot sit. Dy hiele polityk, it is in soarte fan masine dy't himsels draaiende hâldt. Hoe komme wy dêrtusken, as jongeren? Ik miende dat wy sa'n goed systeem hienen. Mar as je wat feroarje wolle, is dat dus hiel lestich. Fan dy âlde Griken oant no, it hat eins altyd itselde west. Noait ha jongeren meipraat, noait ha folwoeksenen de plicht hân om by it nimmen fan besluten rekken te hâlden mei bern, mei jongeren, mei de takomst, of mei minsken út oare lannen. Dat is toch raar?!

Scriptie-note
Bij sommige inheemse culturen denken ze erover na, voordat ze een besluit nemen, wat een beslissing voor gevolgen heeft voor de komende zeven generaties. Zo proberen ze goede voorouders te zijn voor alle mensen die na hen komen.

Supercool!
Yngewikkeld ek,
trouwens

Sân generaasjes, dat is wol twahûndert jier foarútsjen! Hoe witst no watfoar gefolgen dyn beslút oer twahûndert jier ha sil? Mar ja, yn elk gefal fielst dy dan wol ferantwurdlik foar de takomst, en dat sil grif ynfloed ha op dyn beslút. Je beslute net sa gau mear om in siikmeitsjende stjonkfabryk ergens del te setten.

Miskien moat ik Pollo toch freegje om my te helpen. Pollo … nee sorry, Kwasi! … Kwasi sjocht oars nei saken as wy. Fan 'e moarn krige ik al antwurd fan him op myn foarige mail. Ik bin bliid dat we wer wat better meielkoar opsjitte kinne.

Hey Klaske,

Thanks for your kind message. First the name… Pollo doesn't actually mean anything at all. I came up with it for myself on my journey because of the hassle with names, papers, travel documents and stuff… I'll spare

you the whole story. Let's just say that it was better not to use my own name for a while. And when you're escaping from somewhere and basically wandering around kind of aimlessly, without your own identity... Well, it reminds you of a headless chicken. Which is why I decided to call myself Pollo for a bit – it's Spanish for chicken.
Yeah, feel free to laugh. I thought it was a dumb name too. But that's how I felt the whole time I was travelling, and even when I lived in the Netherlands. That's why I kept the name, it suited my state of mind. But I missed my real name. So when I got back here, I started using it again. Actually, my name demonstrates our community's problem at a glance. We're a complete mixture of African culture and colonial-era Britain. In our own tradition, we give children the name of the day they were born on. Kwasi just means "Sunday". So, I'm basically "Sunday's child". As you might imagine, there are a lot of Kwasis in Ghana; just like there are a lot of Kofis, boys who were born on a Friday. Or Akuas – girls who were born on a Wednesday.
Crazy, huh? But when the British were in charge, they had problems with it. So most children were given a second first name. Which was, of course, English and explains the "Prosper". A prosperous Sunday child – that's me. Couldn't get any better, could it?
Yeah, actually it could get better since there's not much room for the rainbow community in our country. The old Christian message still holds sway. You don't have to think too long to figure out that Christianity was brought here by the British. So, all those comments (you didn't make them, but I got them every day in the Netherlands) about Western Europe being so tolerant

and African cultures lagging behind – they really got me down. And sometimes made me mad. We still have missionaries coming here from the USA to stir us up against the rainbow way of thinking. They haven't been able to get their message across back home, so they try to achieve the desired effect with us, even though real African culture is very multi-coloured. People feel connected to one another and to the earth, to the plants and the animals. Before the colonial era, of course, we had different religions which were way more connected to nature, and not that hostile towards homosexuality at all. The "you're either this or you're that" way of thinking, having to choose between different boxes – is so typical of the West.

I could say a lot more about it, but then this email would get way too long. But I do understand Darshan a bit: we have to look much further than just our own country. You can make a real difference with Present. Obviously young people have enough problems in their own countries. But opening our eyes and paying more attention to other cultures and parts of the world, is good for everyone. That includes you guys. You've also got a vested interest in a world which is fairer and cleaner or you'll find more and more refugees of climate change and poverty coming to the Netherlands. The best way to keep immigration manageable (you lot in the Netherlands think it's such a big problem, right?) is to help other countries develop. It doesn't have to be by sending aid workers or anything like that; fair trade would actually solve just about everything. An economist once worked out what would happen if Europe closed its borders completely. Which would mean that no more asylum seekers from Africa would be

allowed in. But also that there would be truly fair trade between Europe and Africa. Then Africa would be able to utilise its own raw materials. Right now it is processed by Europeans, Americans, Russians or Chinese, who are often the owners of mines, large industries and agricultural fields in Africa. If Africa was allowed to make their own products and sell them for a fair price, who do you think would be better off? That's right - Africa! The situation would improve dramatically. This continent would be able to develop just fine if it weren't kept down by the Western world. People from the West only do that so they can profit from us as much as possible and get their goods as cheaply as they can.

Oer dat lêste ha ik de hiele middei neitocht. Allemachtich, is dat echt wier?

•—

De brief fan Kwasi gie noch fierder, mar ik bliuw mar hingjen by dat ferhaal oer hoe earlik wy mei Afrika omgean. Totaal ûnearlik, dus.

Wat kin ik dwaan?

Yn myn ientsje kin 'k dat noait feroarje. En ik hear se der hjir yn de polityk hast noait oer praten, ik soe net witte op watfoar partij ik stimme moatte soe om dat oan te pakken. En soe earlike hannel dan ek te'n koste gean fan ússels? Ik bedoel: ien kear wat mear jild betelje foar in trui is miskien wol te dwaan, mar stel dat alles twa kear sa djoer wurdt? Dat kin toch net?

It iennichste, yn elk gefal it earste wat ik dwaan kin, is dêr mear oer te witten te kommen.

Hjoed foar it earst nei fysio west. *Guess what* … dy ynstrukteur is in âld man fan dik fyftich; fette noas, keale kop en fan dy enge groeden yn it gesicht. En giele tosken. ☹ Hy stonk ek út 'e mûle, Kofjebekje is der neat by. Hie 'k my hielendal foar neat opfallend-ûnopfallend opmakke … no ja, wat *foundation* en *eyeliner*, lichte *lipgloss*, allegear beskieden. En myn hier yn in kwasy-nonsjalante sturt. Wie der hielendal klear foar … stie ik neist sa'n Voldemort. 👽 Hy liet my hast allinnich mar op de rinbân drave. Minutenlang, oant ik der sawat by delfoel. En doe búkspieroefeningen. Ik fergie fan de pine yn 'e ribben. Mar dat wie krekt goed, sei hy. De sadist.



Lieve Kwasi Prosper,

Heel erg bedankt voor je lange brief. Ik wil nog veel meer lange brieven van je krijgen. En ik wil graag overal op reageren. Op je naam, je achtergrond, je cultuur. Maar er is één vraag die het allerhardst bij me naar boven komt:

Waarom zorgen jullie zelf niet voor eerlijke handel? Je kunt toch gewoon de echte prijs vragen voor een product?

Volgende keer schrijf ik langer.
Heel veel liefs,
Klaske

Ik hoopje dat er gau antwurdet.

Niiskrekt krige ik in berjochtsje fan de SLB'er. Hoe't it giet, frege er. Ik ha net reagearre. Rot mar op. Wat moat ik dy man

allegear fertelle? Dat boek wurdt yn elk gefal niks. Ik skriuw no wol fan alles op, mar dat liket net op in boek. Ik kin toch net wat mailtsjes en wat oantekeningen oanelkoar plakke en sizze dat it in boek is?

Dy kloateskripsje sit my achter. Ik wit noch lang net genôch oer demokrasy. Mar ik wit eins ek net presys wat ik noch mear witte moat of witte wol. En is Europa eins wol sa goed dêryn? Troch dy mail fan Pollo bin ik dêr net mear sa wis fan.

En ik moat eins as de bliksem wer in *story uploade*. Mar ik kin my der net ta sette. Ik sjoch der net út, laitsje op kamera slagget net iens. En ik bin spûkbenaud dat myn wurden wer ferdraaid wurde troch dy *stupid cow*, letter.

Ik krûp sa op bêd. Earbellen út (ik eksperimintearje wat mei bedels) en net ferjitte de ûle goed te setten. Lit Uly de hiele nacht asjeblyft al syn wiisheid nei my ta striele, ik ha it hurd nedich.

•▬

Darshan wie hjir hjoed. Dat wie net leuk.

Hy kaam om my te fertellen dat ik it jongerenberied echt oer '*western hypocrisy*' dwaan moat. Ik sei *no way* en doe waard er lilk. Hy fûn it egoïstysk fan my dat ik sels bepale wol wêr't it oer giet. Hy is ommers de oprjochter fan Present. Ja dat sil wol, sei ik, mar do bist útspile, maat. Hy hat ommers gjin rol mear, hat himsels bûtenspul set. It hiele ferhaal is op myn skouders kaam te lizzen. Dêr ha ik ek net om frege, hie fan my echt net hoegd. Mar no't it safier is moat er him der net mear mei bemuoie en en ek net tinke dat er achter de skermen alles noch gewoan bepale kin. Da's in prinsipesaak. Dat sei ik ek tsjin him.

Fûn er net aardich. Hy seurde hieltyd mar troch om syn gelyk te heljen.

Dus doe sei ik tsjin him dat ik tocht dat der mear spile. Hy wie miskien ergens benaud foar, hold ik him foar.

Doe knikte hy. Ja, nei it geweld fan syn heit is er bang foar fan alles wurden, joech er ta. Hy fertrout gjinien mear. En hy sei dat Present in soad lêst hat fan *online* bedrigingen. Hy hat mear berjochten krigen fan Gulbahar. Hy woe net sizze watfoar. Mar it wie oan him rjochte. Se liket it echt te mienen, allegear.

"Boeie", sei ik. Net omdat ik it net serieus nimme wol, mar ik wol ek net tajaan oan sjantaazje.

Mar dat hat Darshan dus wol dien. Dat bekende er doe't ik trochfrege. Hy hat Gulbahar tasein dat we dwaan sille wat sy easket.

Ik koe him wol slaan. Hoe krijt er it yn 'e harsens om ta te stimmen?! Dat is toch it stomste wat je dwaan kinne; boppedat giet hy dêr hielendal net mear oer! Mar Darshan sei dat hy dat oars sjocht. Guon online accounts rinne noch fia him, en minsken sjogge him noch altyd as it boechbyld fan Present. Seit hy.

Hels waard ik derfan. Ik ha sein dat ik hielendal gjin sin mear ha yn de beweging, en dat hy dan sels dat ferdomde jongerenberied mar dwaan moat. Ik doch it net mear. Sykje it mar út.

Skeelt my ek lekker wat tiid. Kin ik my op de skripsje konsintrearje. Komt net iens sa gek út. Mar dat hoecht Darshan net te witten. Ik ha him letterlik de doar wer úttreaun mei it boadskip dat ik derop rekkenje dat hy it jongerenberied allinnich docht en dat er my net mear hoecht op te sykjen. Dikke fette doei, jonguh!

Mar kut is it wol, allegear.

En aansen moat ik wer nei fysio, ek dat noch. Trije kear yn 'e wike wol Voldemort 👽 my sjen. Kloatesoai.

Hey Klaske,

I think people here would like nothing more than that. But they're in an iron grip economically speaking. You can't just change power structures that have been built up over centuries.
Europe realised pretty early on that there was a lot to be gained here. Slavery, to start with. Most enslaved people transported to America by Europeans came from this region. Just try looking up Fort Elmina.

Through slave labour and colonialism, Europe and later the USA managed to create such strong trading positions that they still dominate the global economy even today. The colonies were really seen as no more than a source of cheap raw materials. Coffee, tea, cacao, herbs, and various minerals were taken from African, Asian and American colonies and processed in wealthy countries to create expensive products and make lots of money. The colonies were forced to be totally dependent on the West. That continues to be the case even today. Rich Western companies own the mines here and much of the supply of raw materials.
Even when they don't actually own them, they have so much power over us, they get to make all of the decisions. Good luck trying to change the situation.
For example, loads of chocolate products are made in the Netherlands; like chocolate bars, biscuits, you name it. They use cacao that they get cheaply from Ghana. If we say we want to make the products here ourselves, they'll reply by saying they don't want our cacao from now on and they won't buy other products

either. So we'll have nothing left, we're in an economic stranglehold.

There's a lot more I could tell you. But first look up Elmina.

Love,
Kwasi Prosper

Niet scriptie, wel note

Elmina was de eerste Europese nederzetting in West-Afrika. Opgericht door de Portugezen. In 1637 werd het veroverd door de Nederlanders. Het fort werd een centrale plek voor de slavenhandel; het kerkgebouw in het fort werd omgebouwd tot slavenmarkt. Elk jaar werden duizenden tot slaaf gemaakten hiervandaan per schip overgebracht naar Amerika.

Lekker folkje,
dy Nederlanners.

Op ien of oare wize wurket soks dus noch altyd troch, begryp ik no. Helje we guodkeape kakao út Gana, litte we guodkeape klean meitsje yn Sina en oare lannen yn Azië, drage dy in pear kear en dumpe de rotsoai dan wer yn Afrika. Want Gulbahar hie gelyk! Ik lies dat dy bulten mei kleanôffal op de strannen fan Gana foar in grut part gewoan by ús wei komme! (O god, ek dy fan my??!! Wat ha ik lêsten allegear wol net fuortsmiten! Wêr is dat hinne gien??) Yn Accra, de haadstêd fan Gana, wurdt alle dagen hûndert ton klean stoart. Alle dagen hûnderttûzen

kilo! Allinnich mar omdat it foar ús guodkeaper is om it dêr te dumpen as om dy klean netsjes te recycljen.

Ik moat eins ophâlde mei al dy klean.

Mar *fuck* hee, 't is myn hobby. ☹ Hoe moat dat dan?

En it binne net allinnich klean. Ek lege batterijen, âlde smartphones en kompjûterûnderdielen stoarte we massaal yn Gana. Omdat dêr allegear giftige stoffen yn sitte is it djoer om dat netsjes te ferwurkjen. En yn Gana dogge se dat gewoan yn de iepen loft, mei bleate hannen. Dus bringe we it dêrhinne. Sa krije al dy minsken dy't dat guod fan ús ferwurkje gefaarlike floeistoffen ensa oer har hinne, en komt dy rotsoai ek yn de boaiem en it drinkwetter telâne. It wurdt ien grutte gifbulte, allinnich mar omdat wy ús rommel samar achteleas fuortflikkerje yn plak fan it netsjes op te rêden. En Nederlanners soargje per persoan sels foar it measte elektroanyske ôffal!

Pineholle krij ik derfan. Fiel my hjoed echt net fris. Mem seit dat ik wat mear oereinkomme moat, mar ik ha dêr de enerzjy net foar. It begjint my te meallen yn 'e kop – en dat komt net fan de medisinen, want dy brûk ik hast net mear. Pollo mei syn soares, Darshan, dat kutfilmke fan Gulbahar … en it liif docht my noch altyd sa sear as ik beweech. Fan fysio wurdt it allinnich mar minder. Alles wat ik doch levert negativiteit op. As ik beweech ha ik pine, as ik mei Darshan praat krij ik ruzy, as ik Pollo mail krij ik ellindige antwurden. Ik kin mar better hielendal neat mear dwaan. Gewoan oeral mei ophâlde.

Darshan appte my dat er oan 'e slach sil mei it jongerenberied. No, *good luck, bro*. Hy sil my op 'e hichte hâlde, sei er. Hoecht om my net, hy siket it mar út. It iennichste foardiel derfan is dat er tajûn hat oan Gulbahar, dus dat dy *deepfake* hooplik yn de kast bliuwt. Ik moat mar ôfwachtsje. Wat kin ik oars dwaan?

Behalve myn hier, dat sil ik aansen wol eefkes dwaan. Dêr knap ik miskien fan op. Yn elk gefal oan de bûtenkant.

In pear dagen neat opskreaun. Ik wie der net ta yn steat. Fielde my lamliddich en beroerd. Mar hjoed giet it ynienen in stik better. 😀 Gjin idee hoe't dat kin, mar ik fiel samar folle mear enerzjy. Fan 'e middei ha 'k foar it earst wer eefkes nei bûten ta west. Dat wie echt lang lyn. Gewoan in rûntsje om, net allinnich op en del nei dat kutfysio. De sinne skynde, mar it wie wol kâld. It is frjemd om je sa frij te fielen nei sa'n lange tiid. Ik hearde de lûden ynienen allegear oars. De fûgels, it rûzjen fan de beammen. Krekt as seinen se allegear 'hoi Klaske' tsjin my. Ik hie sin om oeral nei werom te swaaien. It hier hie ik yn in moaie wrong, dat stiet my goed. En ik bin in nije *conditioner* oan it útprobearjen; it glânzet noch moaier as oars.

Mar doe kaam ik yn de binnenstêd en seach ik al dy kleanwinkels en dy ytgelegenheden. Ik moast hieltyd tinke oan Gana en wat ik fan Pollo hearde. Fûn it ynienen net leuk mear om nei nije klean te sjen. En al dat folk dat troch de stêd sjokte … de beammen en blommen yn it park seagen folle fleuriger as de minsken.

Pollo – ja sorry hear, ik sil him Kwasi Prosper neame, mar yn myn holle bliuwt er noch altyd gewoan Pollo – hie my fan 'e moarn in mail stjoerd, miskien kaam it dêr wol troch. Ik hie him frege my wat mear te fertellen oer de eigen kultuer, foardat Gana in koloanje waard.

Pollo skreau dat er dêr eins net iens safolle fan wit; dat is krekt wêrom't er weromgien is, seit er. Omdat er mear ûntdekke wol oer syn woartels en identiteit. Mar it is lestich om dêr in soad

oer werom te finen, omdat der net safolle skiednis opskreaun is. Dat is ek sa'n typysk westersk ding, seit hy: wy sette hjir alles op papier. Ferhalen skriuwe we op, wittenskiplike ûntdekkingen skriuwe we op, nije wetten en besluten skriuwe we op. As it net opskreaun is, bestiet it net. (Miskien hat Kofjebekje dat ek wol tocht en moat ik dêrom in boek skriuwe fan him.) Dat is dêr by him hiel oars, seit Pollo. Yn de Afrikaanske tradysjes binne se folle mear fan it fertellen as fan it skriuwen. Ferhalen wurde trochferteld, kennis en beslissingen ek. Dat liket my hiel ûnhandich, je kinne neat weromfine. Mar neffens Pollo is it grutte foardiel dat der eins folle mear ferbining is tusken de ferteller en de ûntfanger fan it boadskip; dy lêste kin ommers fuortdalik reagearje, en de ferteller kin wer wat dwaan mei dy reaksje. Eins is it dus folle ynteraktiver. Grappich.

Anyway, wat Pollo wol wit, is dat in soad âlde Afrikaanske kultueren fan âlds 'animistysk' binne. Ik hie dêr noch noait fan heard. Mar dat betsjut dat net allinnich minsken in siel hawwe, mar bisten ek. Sterker noch: planten ek. En dingen, lykas in rivier, of in stien. Dy hawwe allegear in siel, binne eins dus neat minder as minsken. Se kinne net prate, mar dat betsjut net dat se net tinke of fiele kinne.

Niet scriptie, wel note

Animisme komt in vrijwel de hele wereld voor, hoewel het minst in Europa en Noord-Amerika, waar het christendom dominant is. Bij ons hebben kleuters vaak nog wel een animistische houding ten opzichte van de wereld om hen heen: bomen kunnen praten en menselijke eigenschappen hebben.

(Bron: Wikipedia)

Dat lêste is wier. Doe't ik lyts wie prate ik ek wol tsjin bisten, en miskien ek wol tsjin beammen. Dom natuerlik, dat leare je letter gau ôf. No ja, tsjin Uly praat ik noch wolris. 😀 Mar dat sis ik net tsjin oaren. Earlik sein haw ik der noait oan tocht dat alles in siel ha kin. Mar Pollo fynt it skitterjend, seit er. Stel dy foar dat in stien likegoed in siel hat, dan soest dêr toch hiel oars mei omgean, tinkt hy.

Is wol sa.

Dan soe ik noait mear tsjin in stien oan doare te skoppen, of samar in tûke fan in beam ôf doare te brekken, as dy in siel hie. Hmm.

Ik antwurde Pollo dat ik oan it idee wenne moat, en dat ik tink dat it net sa goed wurket by ús.

Binnen in minút hie ik him oan de telefoan. Hy woe belje, sei hy, om deroer te praten. It wie fijn om syn stim te hearren. WhatsApp fideo hie 'k noch leuker fûn, mar dat slagge net. Ik murk dat er hielendal opwûn wie. En net fan my 😉 mar fan syn ûntdekking.

Hielendal begripe koe ik it net, mar dit wie hartstikke belangryk, sei hy. Dat animisme sit neffens him yn in hiel soad âlde kultueren, oeral op 'e wrâld. Minsken seagen de natuer en alles om har hinne froeger net as 'deade objekten', mar as libbene dingen dy't in siel ha. Dêr hienen se respekt foar. Faak sieten de goaden ek yn 'e natuer: hillige bergen of rivieren kamen oeral foar.

Pollo seit dat it krekt de westerlingen binne dy't dat mei it kristendom feroare ha: dy betochten dat allinnich minsken in siel ha koenen, en dat bisten dus al folle leger yn de hierargy stienen, en planten en oare natuer wienen al hielendal minderweardich. Dêr mochten de minsken mei dwaan wat se woenen. Sterker noch: de wite minsken mochten dwaan wat

se woenen, want dy wienen superieur. Sa koenen se swarte minsken maklik ta slaaf meitsje sûnder dat se dat silich fûnen, sa koenen se de natuer ferniele, rôfbou begean op de ierde. Omdat se de siel út 'e natuer helle hienen.

Ik hoopje dat ik it goed sis.

Mar sa fertelde Pollo it sawat. En hy siet der fol fan. Ynienen begriep hy wêrom't er him sa min thús fielde yn Nederlân, sei hy. En dat er de mienskip fan Gana sa mist hie, ek al kotste dy him út, *just for being gay*. Hy is fan plan om dêr noch folle mear oer út te finen.

Lestich fyn ik it. Wol leuk trouwens om my foar te stellen dat in beam ek in siel hat. Want ferrek, it wurket! Se laken my ta en swaaiden nei my doe't ik troch it park rûn.

Mar hee, ik bin toch net *wacko* oan it wurden, of wol? Tuerlik ha dingen gjin siel; dat kin net. Dat slacht nergens op.

Ik ha trouwens wolris lêzen dat beammen meielkoar prate kinne. Of no ja, prate net echt… mar wol kommunisearje. Se jouwe stofkes ôf om elkoar te warskôgjen en elkoar te helpen by gefaar. En ûnder de grûn binne se troch de woartels en hiel fine triedden en skimmels meielkoar ferbûn.

Sjoch ik dan altyd ferkeard nei de dingen? Doe't ik lêsten myn sketsboek fuortsmiet, ha ik dêr noch eefkes trochhinne blêde. Froeger tekene ik faak beammen. Dan tekene ik de stam, in pear tûken en blêden. Bêst aardich, ik kin knap tekenje. Mar die ik it wol goed?

Want yn de krún fan de beam gebeurt fan alles. Dêr hellet de beam de CO2 út 'e loft en makket der dan soerstof fan dy't er de loft wer yn bringt. En dêr skiedt er stofkes ôf foar oare beammen en planten. Oan de boppekant is de beam dus ûnsichtber ferbûn mei de wrâld. En ûnder de grûn krekt gelyk,

mei de woartels en alderlei triedden en skimmels. De beam is dus folle mear as de stam en de tûken dy't ik altyd tekene. En as de beam mei de wrâld kommunisearret, wêrom soe er dan net in siel ha kinne? Allinnich mar omdat er net prate kin mei in stim en wurden, lykas wy? Myn siel hat toch ek net in stim dy'tst hearre kinst? Wat is in siel dan eins krekt?

Shit man, wat is dit yngewikkeld. Mar wol tof om oer nei te tinken. En dat slagge my yn it park folle better as doe't ik troch de winkelstrjitte rûn. Dus dat lêste ha ik ek net lang dien. Bin weromrûn, by de beammen del, en ik ha eefkes mei se praat, hahaha. Ik woe se wol eefkes oankrûpe. Ik bin hartstikke gek wurden, leau ik.

Mar ik fyn it wol leuk. It is in moaie dei. En Pollo wol 'k seker wol in dikke knuffel jaan.

•▬

'Check ✉'

Appke fan Darshan. Ik iepenje myn mailbox. *Guess what*? Hy is fanatyk oan 'e slach mei it folgjende jongerenberied. Yn elk gefal is er him deryn oan it ferdjipjen wat de beste wize is om dat oan te pakken. Neffens Darshan is it hiel goed mooglik om gewoane minsken (en jongeren!) meibeslisse te litten oer yngewikkelde ûnderwerpen. As je it mar goed organisearje. De dielnimmers moatte earst bepale wêr't se it presys oer ha wolle, dêrnei kinne se help ynroppe fan wittenskippers. Dy jouwe dan ûnôfhinklik advys, dêr't de groep ferfolgens oer trochpraat. It boargerberied moat in soarte fan direkte demokrasy wêze, in manier om elkenien meiprate litte te kinnen. Net allinnich politisy, mar elkeníén moat meitinke en -beslisse kinne, alle stimmen wage like swier. En úteinlik moatte alle dielnimmers har fine kinne yn de útkomst. Dat is echt oars as hoe't ús polityk

no giet. Want no beslist in mearderheid, en in minderheid mei in oare miening bliuwt mei lege hannen achter. By in boargerberied is it de bedoeling dat alle dielnimmers like gelokkich binne mei it beslút.

Bin wol benijd oft it him slagje sil. Foar myn skripsje kin ik dêr ek wol wat mei, miskien. Mar dat sis ik net tsjin Darshan. Smoar der mar yn. Hy reagearre teloarsteld doe't ik dat tsjin him sei.

Pollo is al wat foar my oan it útsykjen oer demokrasy. Yn guon gebieten yn Afrika kenne se al iuwenlang de 'kgotla'. Dat is eins gewoan in oerlis mei it hiele doarp ûnder in beam. Dy beam ferbynt dus de minsken meielkoar. 🧑🤝🧑 Ek yn Afrikaanske lannen dêr't se yntusken in gewoan demokratysk bestjoer ha lykas wy, wurdt de kgotla noch altyd yn eare holden, as oanfolling op de lanlike regearing. Sa bliuwe alle minsken belutsen by it bestjoer fan harren eigen buert. Goed idee fyn ik dat.

Scriptie-note

In de kgotla kunnen alle onderwerpen worden besproken waar de dorpelingen het over willen hebben. Iedereen komt aan het woord, alle mensen mogen zeggen wat ze willen en krijgen zoveel spreektijd als ze willen. Gasten en vluchtelingen zijn ook welkom om mee te praten.

De bijeenkomsten worden geleid door de 'kgosi'. Hij is de leider van een dorp, het dorpshoofd. De kgosi wordt gekozen door de dorpelingen – en als hij zijn werk niet goed doet, kunnen die hem weer afzetten. De kgosi trekt met de mensen in het dorp samen op. Als hij voor een belangrijke bespreking naar een grotere stad moet, wordt hij begeleid en ondersteund door een paar dorpelingen.

Superdemokratysk eins. Alle minsken prate mei en soargje derfoar dat se it meielkoar iens wurde. In boargerberied is dus feitlik neat nijs, mar hast itselde as in Afrikaanske kgotla.

•▬

I'm in shock.
Fan 'e moarn stie hjir ien oan 'e doar mei in grut bosk blommen. Foar my. 😳 Mem naam se oan en brocht se nei de keamer om op tafel te setten. Grutte, moaie blommen, read en giel. Neffens mem is de grutste in amaryllis. Der siet in kaartsje by. Mem lies it foar:

Ik hoorde van je ongeluk.
Hoop dat je snel opknapt.
Wil je graag een keer zien en spreken.
Gulbahar Tohti

Ja jemich, wat moat ik hjir no wer mei?! Dat sit my mei *deepfake* te sjantearjen, wit Darshan te brekken en docht no ynienen as is der neat oan 'e hân. It leafst flikkere ik dy blommen yn ien kear yn de kliko, mar dat woe mem net lije. Se binne te moai, en de stjoerder bedoelt it goed, sei se.

Dat tink ik dus net.

Se sit de boel te *blackmailen*, en yntusken krekt te dwaan as wit se fan neat. Ja, duh. Se wit dat se wûn hat. Darshan docht presys wat se easket. It is in falsk kring. 'Wil je graag een keer zien en spreken.' No, *forget it*.

Voldemort 👽 wol my ek graach 'zien en spreken'. Elke kear as ik op fysio kom, is hy der. Ik hoech de seal mar yn te rinnen of hy komt al op my ôf en begjint oer fan alles te lullen. Ferfelende

keardel; hy stjonkt ek noch, net allinnich út 'e mûle. Sûnt de earste kear doch ik al mei opsetsin gjin *make up* mear op en altyd in slobberbroek oan. En ik reagearje sa min mooglik op him. It jout niks. *Dirty old bastard,* bah. Hoe earder as ik hjirmei ophâlde kin, hoe leaver. Mar myn ribbekast is noch altyd pynlik. Ik doch no wol wat mear oefeningen om de rêch, búk en skouders te trainen, dus dat is better as yn it begjin. Juster foar kontrôle by de dokter west. Dy seit dat alles goed liket. Mar hy siet foaral nei myn titen te sjen doe't er dat sei. Neffens my sitte se yn in komplot, in klup fan fize âlde mannen. Mem begûn te gnizen doe't ik har dat fertelde. Ik tink dat se gewoan jaloersk is, omdat dy keardels wol nei my sjogge en net nei har, hahaha. 😛

Animisme is net typysk Afrikaansk, it kaam hjir by ús froeger ek foar, wit ik yntusken. Ja ja, Klaske docht har húswurk wol, hear. 😄 Ik ha toch alle tiid. Yn de âlde myten wennen goaden hjir ek yn grotten en op bergen, rieden se op hillige hynders, hie de see godlike krêften ensa. En dat jildt foar in hiel soad kultueren en âlde religys. Ek yn Azië, Australië en Amearika koe wetter en grûn hillich wêze of in siel ha. Minsken koenen dêrom grûn ek net yn eigendom ha.

Miskien is dat wol wêr't it om draait: dat we dingen yn eigendom ha wolle, we wolle besit ha. En as je besit ha, wolle je dat besit ek grutter meitsje. Fize âlde mannen wolle safolle mooglik jonge froulju score. 😚 En slagget dat net, dan mar in gruttere auto, in grutter hûs, in grutter stik lân. Dêr krijst oarloch fan. As je gjin besit ha, hoege je dêr ek net om te fjochtsjen. Der skine in soad âlde folken west te hawwen dy't gjin eigendom koenen, dy dielden alles meielkoar. Mar fan dy kultueren binne de measten hast útstoarn, omdat se troch Europeeske kolonisten oerfallen en oan 'e kant skopt waarden.

Se koenen net begripe dat de feroverers seinen dat in stik lân no ‘fan my’ is.

Ik moat dêr toch mear fan witte. Mei Pollo bin ik al drok oan it skriuwen.

Hey Klaske,

Here’s a little test for you to try. I didn’t come up with the idea myself. It’s from the Thaayorre, an Aboriginal people in Queensland, northern Australia. Their language doesn’t have words for “left” and “right”. Instead, they hold their knives and forks in their northern and southern hands. That’s if they’re facing west. If they turn ninety degrees, their knives are suddenly in their eastern hands and their forks are in their western hands. Cool, huh? Your task is to banish the words “left” and “right” from your vocabulary for a week. Use the directions north, east, south and west instead.
See what happens.

Love,
Kwasi Prosper

Yo! Trije dagen oan it oefenjen no. Idioat lestich, man. Ik moat hieltyd neitinke hoe’t ik stean. Wêr is it suden, wêr is it noarden? Ik fiel my krekt in mislearre kompas. Dan ha ik de telefoan yn de iene hân, mar as ik my omdraai ha ik ’m yn in oare, wylst it deselde hân is. 😵 Oarsom trouwens ek: as de stoel links fan my stiet en ik draai my om, dan stiet er rjochts fan my.

Mar no net mear. As de stoel súdlik fan my stiet en ik draai my om, dan stiet er noch altyd súdlik fan my.
Om knettergek fan te wurden. Moat hieltyd neitinke wêr't ik bin, hoe't ik stean of sit. Juster en earjuster waard ik der segrinich fan, hieltyd dat twiveljen. Hjoed giet it wat makliker; stadichoan slagget it my better om yn 'e gaten te hâlden wêr't west, súd, noard en east is.

Dear Kwasi Prosper,

Test loopt moeizaam. Gaat vandaag iets beter. Maar vertel me *what the fuck* de bedoeling hiervan is. Waarom in vredesnaam moet ik de hele dag rondlopen als een windwijzer?

Liefs
Klaske

Hey Klaske,

Great that you're doing the test! I wasn't sure you would. Do you feel what's happening? Slowly you start to get a better idea of where you stand. Or rather, how you stand in relation to the rest of the world. It's like you're zooming out, floating high above your body and seeing yourself as a cursor on a map with a view of all points of the compass. Or more like, you're taking the world as the starting point

and looking at your own place in it. It's a very different story when you use the words "left" and "right". Because when you say "left" and "right" you're actually saying: "to *my* left" and "to *my* right". You're putting yourself at the centre of things. However when you use directions, you're putting the world first.
I think that's amazing because it gives you a completely different view of yourself. Like looking at yourself through the world's eyes instead of the other way around.
You see how important language is? It determines your entire view of the world. So, you can understand how serious it is when people lose their languages either because of colonialism, or because they're small communities under pressure from the larger languages around them. You probably already know this, being from Friesland.
In the west of Nigeria, there's a region called Yorubaland. They don't have words for "man" and "woman" there, so they don't have "him" or "her" or "his" and "hers" either, or "nephew" or "niece". Imagine how that affects their view of the roles of men and women. If you don't differentiate between men and women, then men can't oppress women either.
What if we didn't have a word for "property"? Then words like "mine" and "yours" wouldn't exist. Maybe not even the verb "to have". I swear the world would be a completely different place. And how about abolishing the words "here" and "there"? I'd love to see what that would do to the world.
There's a well-known African concept that philosophers have studied for years. *Ubuntu*. It means something like "connection". But it's actually a lot more than that. I can't quite explain it properly. I'll try to do a better job soon

but Ubuntu is precisely what I missed so much in the Netherlands.
I miss you too, btw.

Hugs,
Kwasi Prosper

Ik moat eefkes bykomme fan dizze brief.

3

Mei myn noardlike hân stryk ik eefkes oer de bast fan in bûkebeam yn it park. Ik sjoch nei boppen ta, dêr't de beam syn soerstof en oare sûne stoffen oan de wrâld leveret. Mei myn foet fiel ik op 'e grûn oft ik in stik woartel tsjinkom dat ûnder it paad eastlik fan my trochrint en oergean sil yn de fynste triedden fan oare beammen en organismen. Oer it paad komt in persoan oanrinnen mei in berntsje oan 'e hân (nee, dus net in frou mar in persoan, net hár bern mar ín bern). It bern rint oan de súdlike kant fan de persoan en laket nei de einen en guozzen yn de fiver. Ien fan de guozzen wjukkelt nei de beam ta dêr't ik krekt tsjinoan stie. Krekt njonken de stam poept er eefkes. De keutel sil aansen fergean yn 'e grûn en wer soargje dat hjir gers en planten groeie kinne. As dy fergean, kin de beam dy stoffen wer út de boaiem helje en brûke om sels te oerlibjen, sadat er noch jierrenlang CO2 omsette kin yn soerstof, dêr't ik wer fan sykhelje kin. Ik kin libje omdat dy beam libbet omdat dat gers libbet omdat dy guozzen libje omdat dat bern libbet omdat dy folwoeksene libbet omdat dy … ensa.

Ubuntu. ☺

•—

Stie niiskrekt Darshan hjir ynienen wer op 'e stoepe! Poesleaf. Hoe't it mei my gie ensa, en oft ik net lilk mear wie. Pfff. Ik hie net folle nocht oan him, mar hy liet him net fuortstjoere. Hy woe prate. Ik wie der eins net op klaaid en myn hier siet yn in handoek wuolle, mar toe mar dan.

Hy hie myn help nedich, sei er. Foar it nije jongerenberied. It slagge him net rjocht. Hy wrakselt ek noch te bot mei himsels, kin noch net *full speed* oan 'e slach.

Ik antwurde – ik bin de beroerdste net en bin swier ûnder ynfloed fan Ubuntu, hahaha – dat ik him bêst helpe woe. It is toch Darshan, hè. 😊 Mar mei ien betingst, ien keihurde eask. Dat we net tajouwe oan Gulbahar. We bepale sels wêr't it beried oer giet en hoe't we dat dogge. En we soenen it ha oer de fraach hoe't we jongeren yn ús lân mear ynfloed op de polityk jaan kinne; niks gjin gelul oer *western hypocrisy*. Best leuk om dêr wat mear oer te witten, dat moat ik tajaan, mar fierstente yngewikkeld foar sa'n projekt.

Ik die de handoek ôf en begûn myn hier drûch te rossen. *Damn*, it seach derút as in úttrape feanbrân – toch in ferkearde spieling deryn dien, kutkutkut. Krekt no't Darshan hjir sit, ferdomme. Ik pakte in tube mei in nije crème en sei dat er him net oan my steure moast, dit heart sa. 😉

Mar hy hie der gjin lêst fan, leau ik. Of hy hat alle belangstelling foar my ferlern. 😟 Darshan frege oft ik dan net bang bin foar dat dy *deepfake* publisearre wurdt. Ik kin wol stoer 'nee' sizze, mar earlik sein ha ik gjin idee.

"Do moatst de Present-accounts mar goed yn 'e gaten hâlde en soargje dat dy feilich bliuwe", sei ik. "Dan sil it wol losrinne. En dan kinne wy it jongerenberied organisearje sa't wy dat wolle."

Darshan bleau eefkes foar him út sitten te sjen. Doe sei er sachtsjes: "Ik ben bang dat zij een *hack* heeft gedaan op onze platforms. Dus ze kan publiceren wat en wanneer ze wil via Present. Ook zo'n *fake story*."

Hacked! Koe der ek noch wol by. Wat in trut! Ik wiisde nei de blommen. Oer *hypocrisy* sprutsen. Darshan seach dernei. Hienen we Pollo hjir noch mar, dy wist hoe't er mei soks omgean

moast, hy die alle technyk fan Present. Darshan knikte, hy hat der ek net folle ferstân fan, seit er. Ik ha net it gefoel dat hy der bot mei sit. It is krekt as is er it wol iens mei Gulbahar.

"Maar als we vinden dat het eerlijker moet tussen jong en oud, dan moet het toch ook eerlijker tussen hier en daar, tussen ons en mensen op andere plaatsen?" begûn er ynienen wer.

Ja *fuck*, feitlik hat er dêr wol wat gelyk oan, fansels. Mar wy sille mei ús jongerenberied de wrâld net rêde, wy besykje oan tafel te kommen en de macht fan de *boomers* te brekken. Mear net, earst. We hawwe it drok genôch mei ússels (en ik soms mei myn hier 😵‍💫).
Yn Grinslân ha se yn 2019 in jongerentop holden mei dielnimmers út it ierdbevingsgebiet, oer de takomst yn har regio. Dat is in moai dúdlik ûnderwerp. 850 jongeren dienen mei. Fyn ik best in soad. Hoe krije wy yn fredesnamme 850 Presenters by elkoar? We moatte in hiel goed en helder ûnderwerp ha, lekker ticht by hûs.

En hoe dogge je soks mei útnûgingen? En in lokaasje? En iten en drinken, en begelieding, en … *OMG*, wêrom kin ik net gewoan nee sizze tsjin Darshan! En hoe krij ik myn hier wer goed?! Alles is in kloatesoai.

Fysio sis ik ôf. Rot mar op.

•▬

Aaarghhh!!!

Mailtsje fan Darshan. Trochstjoerd fan myn Present-mailadres ôf.

Ja hear. Wer in filmke. 👾 Ien fan de *stories* dy't ik earder op insta set hie.

"Hi, hier is KleuterKlaske weer! Wat ik nóú toch voor je in de aanbieding heb! Kijk dan! Voor deze broek zijn mannen

gemarteld, vrouwen verkracht, kinderen uitgebuit. Goed hè! Ik hou zo van kleding met een verhaal, dan krijgt het veel meer waarde. Ook al kost deze broek maar 40 euro, terwijl hij eigenlijk minstens 140 zou moeten kosten, als de kleermakers fatsoenlijk waren betaald. Maar ben jij gek, wij betalen toch niet zoveel geld als het niet nodig is?"

Op de ien of oare wize rekke ik der niet iens sa bot fan slach fan, ik hie der wol rekken mei holden dat it net by ien filmke bliuwe soe. Mar healweis it filmke skrok ik my dea. De namme fan it kleanmerk wurdt neamd! En de stim (ja, ik dus eins) fertelt derby dat dat kleanmerk wit fan de slave-arbeid fan de Oeigoeren, mar dat se toch noch altyd klean bestelle út Xinjiang, en dus meiwurkje oan dy misdieden. *OMG*, as dit *online* giet haw ik aansen dat bedriuw op myn dak! *They're going to kill you*, Klaske. 😨

"En", giet *deepfake*-Klaske fierder, "ik ben dus lekker ook medeplichtig! Want ik zit jullie al deze veel te goedkope rotzooi aan te smeren, en ik hou mijn ogen en oren stijf dicht voor misstanden en gruwelijkheden. Grappig toch?! Zo ben ik een echte hypocriet. Ik doe net alsof ik met de wereld begaan ben, ik ga naar klimaatdemonstraties enzo. Maar ik geef geen ene fuck om mijn medemens. Ik span me graag in voor jongeren bij Present. Er komt snel een jongerenberaad. Maar daar gaan we mooi niet over onrecht praten, daar gaan we lekker onszelf bevredigen. Nou, de groetjes, doei!"

•▬

Ik ha Darshan sprutsen. Hy is noch altyd *relaxed*. Ik net. Neffens him is der net safolle om ús soargen oer te meitsjen. As we mar gewoan dogge wat Gulbahar seit.

Ik bin ûntploft. Wat in *loser* is dy keardel toch.

WESTERN
HYPOCRITE

Mar Klaske bûcht net foar blufterreur, ha 'k him sein. Ik sil sjen litte dat ik it sels wol kin; Darshan kin om my de rambam krije.
Ik organisearje dy hiele jongerendagen wol fijn yn myn ientsje. Op myn manier. Sûnder dat we dat tsjin har sizze. Ik ha Darshan belove litten dat er op gjin inkelde kontaktpoging fan har mear reagearret.
Mar ik moat noch wol eefkes betinke hoe't ik dy Gulbahar útskeakelje kin.

•—

Kak, wat ha ik my no wer op 'e hals helle?! Op in website oer boargerberieden lies ik wêr't in goed beried oan foldwaan moat. Dielnimmers moatte 'represintatyf' lotte wurde. Je moatte dus earst útsykje wat je doelgroep is. Ja jongeren, mar watfoar leeftiid krekt? En dan witte watfoar opliedingsnivo se ha, wêr't se wenje, en *all that stuff*. Dêrnei moatte we jongeren selektearje, sadat der in groep ûntstiet dy't in presize ôfspegeling is fan al dy saken. *Crap*, hoe dogge je dat? En we ha noch altyd net echt in ûnderwerp. 'Ynfloed fan jongeren' skynt te faach te wêzen. Der moat in hiel konkrete fraach komme dêr't we ús yn it jongerenberied oer bûgje. 'Hoe kinne jongeren better meiprate yn de maatskippij, ek as se noch gjin stimrjocht ha?' Soe dat wat wêze?

Stadichoan sakket de pine yn myn liif wat ôf. Fan 'e moarn kaam ik fan bêd en wie ik it eefkes ferjitten – dat wie foar it earst. It giet de goeie kant út. Noch in pear dagen, tink ik, dan kin ik wer gewoan dwaan wat ik wol. En nei skoalle ta. Raar, mar ik begjin it toch te missen. Ik ha sin om wer wat mear minsken te sjen.

Mar net mei dit hier. 😬 Ik waskje it trije kear deis, mar it bliuwt in heidefjild. Alle glâns is fuort, it is ferdomme mear griis as blond. 'k Ha in pear lytse earknopkes yn, alle oare sieraden stean as in flagge op in strontskip mei dit hier. En ik lûk de stomste truien oan, dan past it teminsten allegear wat byelkoar – en by myn humeur. 😅

Ik fiel my allesbehalve fleurich. Dat komt net allinnich omdat ik in kop as in heksebiezem ha en dy hiele kloatesoai mei Darshan en it jongerenberied my dwers sit, mar ek omdat ik fannacht in mail krigen ha fan Pollo. Hy fertelde dêryn mear oer himsels. Yn Accra wennet er no by in omke fan him. Syn heit en mem hat er noch net sjoen. Hy doart se net op te sykjen. Acht jier lyn is hy de doar útset troch syn heit. Allinnich mar omdat er *gay* is. Dat fine se dêr sa slim, dat Pollo no in skande foar de hiele famylje is. En dy skande is sa grut dat se leaver harren soan de doar wize as yn hûs hâlde. Freeslik toch? En gjinien woe him opfange, sa sterk is de haat tsjin homo's yn dy maatskippij. Hy koe eins neat oars as it lân út flechtsje.

Dêrnei hat Pollo syn heit en mem noait wer sjoen. En syn susters en broer ek net. Hy mist se. Mar syn omke seit dat de famylje der noch altyd itselde oer tinkt en dat de namme Kwasi Prosper net mear útsprutsen wurdt yn harren hûs. Hy bestiet gewoan net mear foar se. Ik krige de triennen yn de eagen doe't ik dat lies. Hoe iensum moatte je wol net wêze as je eigen famylje je net erkent?

Pollo hopet dat syn omke wat ynprate kin op syn heit en mem, sadat hy se straks wol in kear opsykje kin. Mar de kâns dêrop liket net sa grut. Yn Gana wurde se allinnich mar fûler anty-lhbtiq+. Der wurde dêr sels wetten oannaam dy't minsken ferplichtsje om in homo oan te jaan by de plysje, as se ien kenne. En der stean swiere selstraffen op homoseksualiteit.

Wat in tastân.

It is ûnder oaren in gefolch fan de grutte ynfloed fan Amerikaanske evangelisten op de mienskip. Mar Pollo tinkt dat it dêrneist ek mei de Afrikaanske kultuer te krijen hat, wêrby't net de frijheid fan it yndividu boppe-oan stiet, mar de beskerming fan de groep. Hy seit dat dat in grut ferskil is mei ús. Yn ús kultuer giet it derom dat elke persoan him yn frijheid ûntwikkelje kin. Dat ha wy yn dy beroemde Verlichting sa ôfpraat. Mar yn in soad oare kultueren is it yndividu minder belangryk as it kollektyf. It fuortbestean fan de groep is dêr it allerbelangrykste. Je meie dus gjin dingen dwaan dy't je eigen famylje, *clan* of folk bedrige. En as je homo binne krije je gjin bern, en binne je dus in bedriging foar de takomst fan de groep.

Dat fine wy achterlik of barbaarsk. En fanút ús gesichtspunt is dat ek sa. Mar hee, as de beskerming fan de groep it belangrykste is, dan binne je wol minder egoïstysk, miskien. Dan tinke je better om elkoar, dan helpe je elkoar, dan soargje je derfoar dat je neat stikken meitsje wat fan in oar is, dan tinke je miskien ek better om it klimaat en miljeu. Want as je de ierde ferniele, binne je ommers ek in bedriging foar it fuortbestean fan de eigen groep. Hat syn foardielen dus ek wol, dy wize fan tinken.

Mar ek neidielen. Earme Pollo. Ik fyn it eins hiel knap dat er dêr sa omrint. Sa ticht by syn heit en mem, dêr't er sa'n ferlangst nei hat, mar dy't toch sa ûnberikber foar him binne. En dat er yntusken besiket om alles better te begripen, him ferdjippet yn de eigen kultuer en dy fan oaren. As ik dat earder witten hie, hie ik him folle leuker fûn doe't er hjir by ús yn Nederlân wie. Stom dat ik noait better nei him sjoen ha. Ik ha him allinnich mar beoardiele op de dingen dy't ík belangryk fûn, noait sjoen nei wat wichtich foar hím wie.

Niiskrekt ha ik op ’e weromreis fan fysio (fiif km draafd yn 24 minuten, it giet better en better, sels Voldemort 👽 wie der stil fan 😀) eefkes nei de supermerk west. Mûtse op. 🧑🎄 Ik seach sûkeladekoeken, mei guodkeape kakao út Gana; ik kocht djoere kofjecupkes foar ús mem, mei guodkeape kofje út Súd-Amearika deryn; ik pakte margarine mei guodkeape palmoalje út Yndonezië; batterijen makke fan kobalt út Kongo, dêr’t se minsken mei geweld út harren wenplak ferjeie as se dêr in kobaltmyn iepenje wolle.

Us yndividuele frijheid om te keapjen wat en wannear’t we wolle giet wol te’n koste fan in hiel soad oare minsken.

En … ik seach Gulbahar! As in skym yn ’e fierte. Earlik sein wist ik net iens dat we yn deselde stêd wennen. Se stie ôf te rekkenjen by de kassa doe’t ik de winkel binnenstapte. Gelokkich hat se my net herkend. Ik begûn derfan te triljen, bin hurd fierder rûn.

•▬

It byld fan Gulbahar yn de supermerk lit my net los. In eangstige gedachte fyn ik it, dat se sa tichtby wennet. Se kin my yn ’e gaten hâlde. Ik hie sa’n sin om wer wat mear de doar út, *bad hair days* of net (it knapt trouwens alwer wat op), mar no doar ik suver net mear. Dat kutwiif ek.

It stomme is dat ik hielendal gjin begrutsjen mei har ha. Ik bedoel, it is toch in tryst ferhaal, oer in soarte fan moderne slavernij fan dy Oeigoeren. Under twang en foar in hiel lyts bytsje jild klean meitsje moatte, net je eigen taal sprekke meie, eins net jesels wêze meie. Allinnich mar omdat je fan oare komôf binne as de mearderheid. En wy seure hjir al dat it Frysk it sa dreech hat – dêr komt net iens ûnderdrukking oan te pas. Stel dy foar datst twongen wurdst om in oare taal te sprekken

en in oare kultuer oan te nimmen! Gulbahar sil net foar neat hjirhinne kaam wêze. Miskien wie se dêr wol yn libbensgefaar. Ik soe it har allegear freegje moatte, ik soe it silich foar har fine moatte, ik soe har opsykje moatte om har te freegjen hoefolle pine se wol net hat en oft dát de reden wie om sa agressyf op my te reagearjen by dy klimaatdemo.
Ik soe dat allegear dwaan moatte.
Mar ik kin it net opbringe. Se hat my te bot te pakken, mei dy stomme drigeminten. Ik moat fan har ôf.
Mar wacht ris eefkes … as sy my yn 'e gaten hâlde kin, kin ik dat ek by har dwaan! Ik soe útsykje kinne wêr't se wennet, wat se docht. Dan kin ik har te pakken nimme.
Klaske, *you've got a dirty job to do.* 😝

Dear Klaske,

Funny the way you picked up on that story about the difference between putting the individual first and putting the group first. I was afraid you wouldn't get it. It's tricky to understand something like that when you've grown up in a certain culture. It's about a difference in worldviews. If you've grown up with the view that every person should have as much freedom as possible, then it's easy to reject any other opinion on the subject. If you manage to see beyond your own worldview you can also look at other people differently – and ultimately yourself too.

Ubuntu isn't about the individual, but about connection between the people who form a group. It comes from the south of Africa, and it's all about giving, taking, sharing, and exchanging everything you have with those around

you. Not only food and drink, but also knowledge, experiences and love. Within the Ubuntu philosophy, you realise that you can only exist because others also exist. Not just other people, but also animals, plants, in fact all kinds of matter.

I think it really is true. Just think about a piece of paper that you've written your thoughts on. Those thoughts came about because you were thinking about things you've experienced. Other people were involved in those experiences, so they're connected to your thoughts. And you can only write it all down because someone in the shop sold you that paper, because someone in the paper factory cut that sheet of paper, because someone brought wood to the factory to make the paper, because someone chopped down the tree for the wood, because someone made the axe for the lumberjack, because someone grew food so that the lumberjack wouldn't go hungry, because that tree wanted to grow, because other plants and animals have lived and died to serve as food for all those people and for the trees, because clouds bring the rain, because the sun creates the clouds. You could go on like that forever. The longer you think about it, the more you'll see that truly everyone and everything is interconnected and dependent on each other. So that piece of paper that you wrote a few words on actually contains the entire world. That's not a choice. That's a fact. Ubuntu.

If you hurt someone or something, it ultimately affects you too because both happiness and pain run through that entire chain of people and things. So you can only be happy if others are too. If you do things that have a negative effect on others, that means it's not true happiness, but selfishness. In the end, you'll be paid

back with a whole load of misery. If you want to develop as a human being, you have to help others and if you see others in pain, it hurts you too, so you'll try to do something about it. Your sense of connection isn't optional, it's unbreakable.
Did you know that DNA research has shown that all human beings on earth are 99% the same?

But it goes even further than that. You shouldn't just take care of those in your immediate vicinity, but also people you can't see. Even if they live farther away, or they're already dead or they aren't born yet. So, you have to take care of your children and grandchildren even if you don't have any yet. You need to care for the entire cosmos because you're an inseparable part of it.

You could put it even more simply. In the West, people often ask themselves the question: "Who am I?" In other parts of the world, they're more likely to ask: "What are we?"

So, are you, as an individual, completely unimportant? Not at all. Of course there's an "I" within Ubuntu. But that "I" is not independent of "you". You don't have to answer the question about who you are on your own, but together with other people. Self-awareness doesn't come about by separating yourself from others, but by investigating your relationship with those others and with the world.

You're probably wondering why I'm focusing on this, when it's precisely that sense of community that makes it so difficult for me here as a bisexual. To be honest, I sometimes wonder the same thing.

My time in the Netherlands will have played a part in the process. When I was stuck in Ghana, I wanted to free myself from that claustrophobic community. I thought

I'd find freedom in Europe and I did. I could say what I wanted there, do what I wanted to do.

But no one really seemed to care what I said or what I did. No one asked me questions about my background. If I thought something about a given subject, people just shrugged and said, "That's your opinion". It's like you guys have cut the invisible cords between people. So everyone is completely free to do their own thing. But what is freedom worth if you're all alone? All you can do is be selfish and collect as many things as possible: money, belongings, success, sex, fun. That can't really be the most important thing in life, can it? How does the world benefit from the fact that you're alive?

I began to feel uprooted, disconnected. As if I was floating in a vacuum, flailing around without being able to connect with anyone. So I started to lash out more and more wildly. I got mad at society, at the government, at my fellow human beings. I started to say ugly things and to do dangerous things. Basically just to see how far I'd have to go before someone stepped in and took care of me.

But that didn't happen. Not even the people I was closest to asked me what the hell had gotten into me. Not you, not Darshan, none of the other Presenters, no one at school... I was deeply disappointed. And I started to miss where I came from. It's terrible when people don't accept you in their community, but at least they paid attention to me. It sounds stupid but sometimes that rejection doesn't feel as bad as the complete indifference I experienced in the Netherlands. You know, even little kids generally prefer negative attention to no attention at all.

That's why I came back home. I don't know if the social climate here is going to improve for people like me any time soon and I don't know if I can stay here – or even if I want to. But I can't live without that feeling of belonging. And I don't think the rest of the world can live without it either. There's a good reason why we still have that Ubuntu way of thinking in Africa. People in most other places in the world have similar philosophies. It's only the West that has a "duality" – which means that everything is separate from everything else: you are not the other person, a man is not a woman, a human being is not an animal, a table is not a chair, and so on.
But we all come from the same thing, the energy of the cosmos. The table is made from the same tree as the chair, or from a different tree, but those trees were still fed by rainwater from the same ocean, C02 from the same atmosphere. It all comes from the same energy, it's just taking on a different form. Just as your body will assume a different form after your death and then spread throughout the earth in all kinds of different ways. Isn't that an amazing way of thinking?!
People from all over the world think this way. The Taoists, Hindus and Buddhists in Asia, the ancient indigenous peoples of North and South America, the Aboriginals and Māori in Australia and New Zealand... all of them believe in that deep connection between everyone and everything. We could talk about this for a long time, Klaske. I'd really like to do that.

I feel connected to you.
Love you,
Kwasi Prosper

Post. Net in mailtsje, net in appke of in dm ofsa, mar in âlderwetsk bryfke yn in envelop mei in postsegel derop.

Laatste kans! Kondig aan dat het volgende jongerenberaad over 'western hypocrisy' zal gaan. Anders gaat deze week de eerste story online.
Denk niet dat dit blufterreur is!

Gulbahar

Krij no de tyfustering! Hoe wit dy trut dat?! En hoe kin it dat sy krekt datselde wurd 'blufterreur' brûkt as ik?

It is ferdomme letterlik wat ik sein ha tsjin Darshan.

De blommen!

Dêrom ha ik dy blommen fan har krigen! Se hat dêr ôflústerapparatuer yn ferstoppe, fansels. It wienen net foar niks fan dy grutte joekels. Ik hie it witte kinnen. Se hat alles heard wat ik hjir de ôfrûne dagen besprutsen ha. Se is noch gefaarliker as ik tocht. Ik moat hannelje.

Mem hat juster de blommen krekt fuortsmiten. Op de kompostbult yn de tún. Ik bin der niiskrekt hinne rûn en ha se opsocht. Se wienen smoarch en weak. Ien foar ien ha 'k de stâlen besjoen, mar ik koe niks fine. Seit neat, dat guod is lytser as in spjeldeknopke. Ik ha se byelkoar pakt en bin de stêd yn gien.

•▬

Drok yn 'e stêd. It reint, en toch wolle minsken fan alles, sa te sjen. Under de luifels, om de terrasferwaarmers hinne, sitte se wyn te drinken. Se laitsje en prate meielkoar. Is dat gjin ferbining? Bêst mooglik dat se elkoar faak opsykje omdat se

har om elkoar bekommerje. Miskien helpe se inoar wol mei it oplossen fan elkoars problemen.

Soms tink ik presys te begripen wat Pollo seit; oare kearen snap ik der wer hielendal neat fan. Binne wy dan sá egoïstysk? En bin ík dan sa egoïstysk? Ik mei hoopje fan net.

Ik hie in paraplu meinimme moatten. Myn hier is seikwiet, ik skodzje it los. Mei dit waar falt it toch net mear op hoe beroerd it sit. Myn broek is al sompe, it wetter rint my by de skuon yn. Wetter út deselde wolk as it wetter dat de oare minsken hjir op strjitte op 'e hûd fiele. En dat de beammen en planten yn it park groeie lit. We binne ferbûn. Ik soe dêr wol fleurich fan wurde kinne. Mar myn liif stiet strak fan de spanning.

Ik bin dus ek ferbûn mei Gulbahar. Se rint in meter as fyftich foar my út. Doe't se de supermerk út kaam, bin 'k achter har oan gien. No de binnenstêd troch, se giet yn eastlike rjochting (dat besykje ik fêst te hâlden, dat gefoel foar wynrjochtingen). Dan komme we straks troch de strjitte fan Darshan. Hoopje net dat dy ús sjocht.

Mar earst dûkt se in skuonwinkel yn. Kin wol eefkes duorje. Ha ik moai eefkes tiid om te skûljen. En dizze pear oantekeningen te meitsjen. De blommen dy't ik yn myn súdlike hân hâld, hingje derby as in silich, ferweakke protsje.

•—

Okee, *fasten your seatbelts*.

It hat ferdomme wol in healoere duorre foardat se de skuonwinkel wer út wie. Ik wie fernikkele. Mar doe't se nei bûten ta kaam (op deselde skuon, se wie blykber net slagge) gie it hurd.

Ik rûn fan achteren (it westen) op har ta, sadat se my krekt op it alderlêste momint seach, doe't ik har namme rôp.

“Gulbahar!”

Se seach om. Yn ien beweging helle ik út en sloech har de weake, wiete, smoarge blommen rjocht yn it gesicht. It seach der eins prachtich út, krekt as yn in film-slomo. Se bûgde achteroer, knikte de holle fansiden, mar koe it net keare. De brot flatste har op ’e wangen en yn ’e hals. Swarte fegen fan de modder bleaunen achter op har gesicht. In pear blommen plakten har oan ’e hals fêst, de rest foel op ’e grûn. Se bleau stokstiif stean, sa bot wie se skrokken. Dat makke my dryst. Ik pakte de blommen fan ’e strjitte en treau dy har by it shirt yn.

“Asjeblieft, kreng!”

“Wat doe je …” stammere se. Mar doe siet de smoargens har al by de klean yn.

Ik sette it op in draven, werom nei de portyk ta dêr’t ik yn stien hie te skûljen. Gulbahar wie sa drok mei it bykommen fan de skrik en it fatsoenearjen fan harsels, dat se my net folge. Ek net mei har eagen. Doe’t ik stie út te hymjen seach se om har hinne, mar koe my net mear gewaarwurde.

Moai.

Ik stie te skodzjen fan opwining. Moast eins hiel hurd laitsje om it prachtige gesicht dat it wie. Mar miskien wie it ek wol om in oar gefoel fuort te laitsjen … wat fan skamte, of eangst. *What the fuck* ha ik eins dien? Mar ik wie ek wol tefreden oer mysels. Dizze Klaske, dy’t altyd sa twivelt, hat no in kear flink trochpakt. Ik fielde wol in stekkende pine yn ’e ribben. Mar dat hie ik der graach foar oer.

In pear minuten ha ’k dêr stien, tink ik. Gulbahar stie noch lang om har hinne te sjen, ik moast my hieltyd djipper ferskûlje achter in winkelpui. Mar se frege net ien om help, en gjinien fan de omstanners is achter my oankaam. Alles is goed gien.

Tocht ik.

Mar wat dêrnei gebeurde sette alles op ’e kop.

Skriuw ik moarn wol op.
Moat der noch fan bykomme.

•—

Nei in skoftke sette se harsels yn beweging, stapte de winkelstrjitte út en rûn Darshans strjitte yn. En, no komt it … streekrjocht op syn hûs ôf!
Ik bin der wis fan dat se in ôfspraak mei him hie, want der siet gjin inkelde twivel yn har hâlding. En se hie noch mar kwalik oanbelle of de doar gie iepen en hy liet har deryn.

What the hell is going on?

•—

Darshan ûntkent dat er kontakt hat mei Gulbahar.

Hy liicht dat er barst.

•—

Ik ha Pollo frege oft hy noch by alle accounts fan Present komme kin en dêryn sjen kin. Hy behearde dy boel ommers mei, doe't er hjir noch wie.

•—

Pollo skriuwt dat Darshan hast alle dagen wol kontakt hat mei Gulbahar fia de Present-platfoarms. En hy kin nergens spoaren fan in *hack* fine.

Hy sil – op myn fersyk – besykje om it hiele netwurk plat te lizzen. Mar oft hy dat oprêdt út Gana wei kin er net belove.

•▬

Present leit plat. Bin benijd.

•▬

Darshan ûnberikber. Reagearret nergens op.

•▬

De sinne skynt. Mar yn myn holle spûket it. Al de heale middei hingje ik hjir om. Mar der gebeurt neat. Darshans doar bliuwt ticht. Gjinien deryn of derút. Ek Gulbahar komt net opdaagjen. Myn hier glânzet wer moai yn 'e sinne. Ik ha krekt in pear foto's makke. Klaske's *hair repair* is slagge foar har eksamen. 😆 Sa kin 'k ek wer tiktokke, dat wurdt heech tiid. As ik dat teminsten noch doar.
Ik moat geduld ha mei Gulbahar. Miskien giet se wo

•▬

Ik wie dus in oantekening oan it tikjen op myn telefoan. Doe kaam se ynienen de strjitte yn rinnen. Se seach om har hinne, wat skrikkerich. Flak foar Darshans hûs pakte se de telefoan, in pear tellen letter gie de doar iepen. Ik seach in skym fan him yn de doariepening. Gulbahar slûpte nei binnen ta en in tel letter wie de doar alwer ticht.

Nei in healoere kaam se wer nei bûten ta. Se kuiere de oare kant út, nei de eastkant fan de stêd. Ik derachteroan, op feilige

ôfstân. Se rûn stevich troch, hielendal doe't we de binnenstêd út wienen en se by it kanaal en de fabriken lâns rûn, by de skoalle del en fierder. Wat in tyfusein. 😒

Yn in flatwyk stapte se in treppehûs yn. As de bliksem moast ik achter har oan de skodoar troch, oars wie 'k har kwyt. Ik koe my net mear ferskûlje. Se hie noch net achterom sjoen, mar we stienen op noch gjin twa meter ôfstân fan elkoar yn de grutte hal.

"*Hi*", begûn ik sa foarsichtich mooglik. Earlik sein wie ik deabenaud foar har reaksje. Soe se sa bot fan my skrikke dat se begjinne soe te gillen? Of te slaan? Ik hearde myn stim triljen. Ik tink dat alles yn my trille.

Se seach om.

In tel bleau se stil. Yn har eagen wie twivel te sjen. Ik die myn bêst om sa ûngefaarlik mooglik oer te kommen. En wist dat ik no hiel fluch wat goeds sizze moast, oars soe it fuort oarloch wêze.

"Mijn excuses", sei ik sêft. "Het spijt me van vorige week."

Se seach my oan. Ik koe net ûntdekke oft dat freegjend of feroardieljend wie.

"Echt, ik meen het", sei ik. Earlik sein bin ik dêr eins noch net sa wis fan. Troch har kontakt mei Darshan bin ik oan it twiveljen slein. Dat wol lykwols net sizze dat ik net mear lilk op har bin. Mar dêr moat ik my mar eefkes oerhinne sette, oars kom ik gjin stap fierder.

Gulbahar knikte foarsichtich.

"Kan ik met je praten?" frege ik.

Se wifele eefkes, knikte doe sunich. Noch net in wurd hie se sprutsen. Se rûn op de lift ta, mar betocht har doe en naam de trep. Ik derachteroan. Ien etaazje omheech, twa etaazjes, trije, fjouwer, fiif. Se hat in bettere kondysje as ik, trije kear wyks kardio of net. 😑 Hieltyd fierder rekke ik achterop, hymjend en puffend. Se die it derom, dat kin net oars.

We rûnen in eintsje oer in galerij, doe die se ien fan de foardoarren iepen en stapte nei binnen ta. Se liet de doar gewoan iepen en sei neat, gie der mar fan út dat ik achter har oan komme soe. Wat soe ik oars ek dwaan moatte.

Frjemd, dat je ynienen oars nei ien sjogge as je yn dy har hûs komme. Gulbahar die de jas út; ik betocht my dat ik har noch noait sûnder jas sjoen hie. In moai postuer hat se. Rjochte skouders, lange skonken. En in prachtige, hast koperkleurige hûd, dy't glânzet ûnder har swarte slûke hier. Se droech in felreade blouse. Gjin earbellen.

Se wiisde my in keukenstoel. Sels gie se ek by de tafel sitten, oan de oare kant.

"Begin jij maar", sei se.

Nei in oere praten wie ik dwerstroch. We namen ôfskied mei in hândruk (in echte Ubuntu-knuffel wie my noch krekt eefkes tefolle frege) en sprutsen ôf kontakt te hâlden. Ik stapte nei bûten ta, de galerij op. De foardoar gie achter my ticht. Ik seach de stêd oer. In moai gesicht fan dizze hichte ôf. De auto's op de rûnwei, de fytsers, de kuierders, wêr hie elk it sa drok mei? Mei wurkjen, jild fertsjinjen, besit garjen. Djoere fersmoargjende auto's mei guodkeape Sineeske ûnderdielen en mineralen út minen dy't lânskippen ferneatigje. Rap nei de supermerk ta om de oanbiedingen kiloknallers te scoren, yn plestik ferpakte fette chips en oar siikmeitsjend iten, fruit en nuten út waarme lannen dêr't de minsken sels net mear by skjin wetter komme kinne omdat de plantaazjes alle wetter opmeitsje. En dan gau troch nei hûs om noch wat guodkeape klean te bestellen dy't ûnder twang en mei driging fan honger en geweld troch bern út Pakistan en Bangladesj yn tsjustere fabriken ynelkoar naaid wurde; of it resultaat

binne fan slave-arbeid fan Oeigoeren. Ik seach de stêd oer en waard kjel.

Gulbahar hat gelyk. Dêr moatte we it oer ha. Wolle wy as jongeren in better plakje op 'e wrâld krije, dan moatte we de oaren ek helpe om harren plak moaier te meitsjen. Want we binne meielkoar ferbûn. Fia ús klean, fia ús iten, fia de ûnderdielen yn ús laptop en telefoan, fia it reinwetter en de sinne. As we allinnich oan ússels tinke sil it noait better wurde, dan krije we alle ellinde dy't we yn 'e wrâld oanrjochtsje ier of let sels om 'e earen slein. Dat kin net oars.

Se hat my safolle ferteld oer har sitewaasje. Oer de Oeigoeren yn de kampen, oer de ûnderdrukking, it misbrûk. Se fertelde skrinende ferhalen oer famyljeleden dy't al jierren fêstsitte en dêr't se al hiel lang neat mear fan heard hat. Se fertelde oer de eangst en de pine dy't se noch alle dagen fielt, ek al wennet se no hjir. Hoe sear it har docht om ús gebrek oan ynteresse foar alle ûnrjocht te sjen. De westerske wrâld wit fan de misdieden yn Xinjiang, mar doart kwalik te protestearjen, omdat ús regearingslieders bang binne foar Sina.

It spiet Gulbahar echt dat se sa tsjin my tekeargien wie op de klimaatdemo, sei se. Ik leau wol dat se dat miende. Miskien ha ik it sels wol útlokke troch myn domme opmerkingen tsjin har. Teminsten, dat wie har ferklearring. En no't ik der mear oer wit, kin ik my ek wol foarstelle hoe bot se har oan my ergere hat.

Lykwols, doe't se my opsykje woe om har ekskuzes oan te bieden, wist se net hoe't se my fine koe. Sadwaande socht se kontakt mei Darshan en fertelde him it ferhaal. Ta har fernuvering wie Darshan hielendal net lilk op har. Hy seach it as in kâns, sei hy. In kâns om my derfan te oertsjûgjen dat Present fierder tinke en prate moat as oer de eigen regio. Dêr wie Gulbahar it fansels wol mei iens – sy wol neat leaver as dat.

Foar de grap hie se in pear *deepfakes* makke. Om Darshan sjen te litten hoe maklik it is om in boadskip te feroarjen. En foar de grap hie se derby sein dat hy mar tsjin Klaske sizze moast dat dit *viral* gean soe as de kommende jongerendagen net oer *western hypocrisy* gean soenen.

Foar de grap!

En Darshan, dy sukkel, hat dat serieus naam en dat earste filmke trochstjoerd …

Geandewei kamen se der tegearre achter dat it in grut misferstân wie dat út 'e hân rûn wie. Dat fûn se hielendal net leuk. Dêrom stjoerde se my de blommen mei in ekskúsbryfke. (En nee, dêr siet fansels gjin ôflústerapparatuer yn, ik skamje my dea …)

Mar Darshan wie bang wurden om ûntmaskere te wurden. Om foar de twadde kear ôf te gean, nei al dat gedoch mei syn heit en syn *exit* by Present, dat koe hy net ferdrage. En hy soe my noait mear ûnder eagen doare te kommen as ik it trochkrige. Hy koe net oars as dy rotgrap trochsette, sei er. En dus hat hy it twadde filmke ferstjoerd, tsjin it sin fan Gulbahar yn.

Ik frege har wêrom't sy dan toch in bryfke skreaun hie mei in lêste kâns foar my, foardat se de *stories* online sette soe.

Dat bryfke hat se dus noait skreaun.

Dat wie Darshan.

Doe't se yn 'e gaten krige wat der allegear gebeurde, fûn Gulbahar it net leuk mear en socht se Darshan in pear kear op om him op oare gedachten te bringen. De lêste kear wie fan 'e middei, doe't ik achter har oan rûn bin.

Der is in soad op syn plak fallen, hjoed.

Ik moat mei Darshan prate. Mar ik wit noch net hoe't ik dat oanpakke moat.

Ik bin poerrazend op him.

Tagelyk … hy hat gewoan wat doms dien en wie bang foar de gefolgen. En as hy dit net dien hie, hie ik Gulbahar sa net kennen leard. Dan hie ik my noait sa bewust wurden fan al dy problemen. Hy hat dus wol wat goeds berikt mei syn aksje. En eins hat er gewoan gelyk: oer dy dingen moatte we it ha by Present. Mar likegoed hat er my fet naaid. Dat kin ik toch net samar gewurde litte?

Aaarghh!

Dear Klaske,

Just for you I've looked up a few facts about other parts of the world and listed them here.

›› Taoism is an important philosophical and religious movement in China and the surrounding areas. Hundreds of books have been written about it – so fascinating. According to Taoists, the world is actually one big ocean of energy. People, animals and plants absorb that energy and give it back to the world. It all flows together and is interdependent. It's actually just like Ubuntu, but in different words.

›› Elsewhere in Asia, there's Buddhism. Buddhists think that humankind's biggest problem is that we have too many desires, want too much. The less you desire, the calmer you become, and the better your relationship with the earth and nature becomes.

›› Hindus believe that you're *so* connected to other people

and animals that, after this life, you'll continue to live as someone else – and that someone else could even be an animal. You're a sort of energy form that will go on existing beyond this lifetime within another living creature.

›› Almost all indigenous peoples have ideas that are based on connection with others. They all strive for harmony, which doesn't involve pollution or destruction of the earth. Whether it's the indigenous peoples of Australasia, in Asia, Africa or the Sami in northern Scandinavia, they all feel the same way.

›› In fact, it's only the West that thinks differently. They have a view in which they keep all things separate from one another. "Duality".

You're welcome! ;-)
Kwasi Prosper



Lieve Kwasi Prosper,

Ik heb je onwijs veel te vertellen. En te vragen. Maar ook ongelooflijk veel te doen, de komende tijd. Dat volgende jongerenberaad gaat er komen, en mijn scriptie moet af. Ik mis je enorm. De afgelopen dagen heb ik zoveel beleefd, ik zou het graag met je willen delen en zou je hulp hier zo goed kunnen gebruiken.

Gedoe met Darshan, dat verhaal van Gulbahar, burgerberaad, scriptie … het blijkt allemaal met elkaar te

maken te hebben. Ubuntu, hahaha. Ja nee, maar heus.

Alles wat jij mij schrijft helpt me ontzettend. De wereld is zoveel bijzonderder dan wij in het westen denken. Dat leer ik allemaal van jou. Ik kom er steeds meer achter dat ik alleen maar naar de wereld heb gekeken als een Europeaan of Amerikaan.

Snel meer, nu moet ik slapen.
A thousand kisses,
Klaske

Stienkapot bin ik. Echt deawurch. Moat Darshan opsykje, mar ik wit noch net hoe't ik dat oanpakke sil. En ik moat oan de slach mei alles. Oan dy *fucking* skripsje ha ik ek al tiden neat mear dien. Krige hjoed alwer in *reminder* fan skoalle. Pfffrl 😐

En ik moat no echt wer ris tiktokke of op insta … It is wol wer feilich, mar ik kin der net ta komme.

Hjoed bliuw ik yn bêd. Alles mealt my yn 'e holle om, it is safolle. Der is safolle gebeurd. Safolle fragen stean noch iepen.

I need a hug. 😢

✉ ↩↩→

Hey Klaske,

I'm really interested to hear about everything that's happened to you. I hope you're doing okay. TBH I'm a bit worried about you. At the same time, I'm incredibly proud of you and the way you dare to be open to other worldviews and not just the way people think in Europe and the USA.

Actually, the biggest joke of all is America. You know, the continent that was "discovered" by Columbus in 1492? Before that, there was just a handful of wild "Indians" living there, running around a totem pole in a primitive fashion and slaughtering bison. Right?

Well, here's the truth: for centuries before that, the indigenous peoples of North, Central and South America ("Indian" is obviously the incorrect description, given to them by Western colonisers who thought they'd found a route to India) lived in a way which was much more similar to that of other non-Western cultures. They had a sacred respect for nature. They worshipped and revered it. No one ever thought of taking more from the earth than they gave.

Don't go thinking that it meant they were primitive! In Peru, traces have been found of cities on the Amazon where thousands of people lived in environments where Westerners would be incapable of building a city. They also have found pyramids there that were built 5000 years ago, just as old as the Egyptians' pyramids and just as big.

Try looking up 'Tenochtitlan' on Wikipedia. You won't believe it! A city in Mexico which in the fourteenth and fifteenth centuries, was wealthier and more modern than Westerners could dream of.

Let me just continue for a while. Sorry, I'm having too much fun because it only gets better. The Incas, one of the most successful indigenous groups, were so well organised that they became rich from trade, had enough food for everyone, and made everyone pay fair taxes. They

performed scientific research too, but in a very different way than us. Their research wasn't just about the results, but also about finding the right reasons for investigating subjects. Everything had to remain in balance and in harmony with the environment, no matter what they were researching or trying to achieve.
Buildings have also been found that were constructed from irregularly shaped rocks that fit together perfectly and without any cement. The ultimate in balance and harmony. It's still a mystery how they managed to do it. We can't even imitate it today with our modern technology.

Maybe it's because the Incas had a different way of carrying out calculations. They could perform amazingly complex calculations without computers because they had a very different mathematical system. They didn't make any distinctions between different fields such as mathematics, physics and chemistry. It all just merged together.

Do you remember me mentioning duality in one of my previous messages? For us, maths is maths - and physics is physics. The Incas didn't have divisions of that kind, and that probably allowed them to spot completely different possibilities than we ever could. So in fact their civilisation back then was way more advanced than Western culture is now.

What are we doing about Present? Keeping everything inactive?

Love,
Kwasi Prosper

Ik ha lêzen oer Tenochtitlan. Dat leit yn Meksiko. 'k Skriuw hjir net allegear op wat ik sjoen ha, dat kostet my tefolle tiid. Want it is echt *awesome*, wat in fenomenale stêd moat dat west ha. *Mindblowing*!

Okee dan, hiel koart:

Niet scriptie, wel note

In Tenochtitlan woonden aan het begin van de 16e eeuw 200.000 mensen. De stad was daarmee een van de grootste ter wereld. Tenochtitlan was opgedeeld in vier delen en omgeven door een heel stelsel van dijken, dammen en poorten, waar kanalen doorheen stroomden en vers water binnenkwam via aquaducten. Er waren tempels en scholen, tuinen met bloemen en fonteinen, er werden allerlei groenten en bonen verbouwd.

(Bron: Wikipedia)

En dy hiele stêd is dus kompleet mei de grûn gelyk makke troch de Spaanske kolonisten. Sa dogge Europeanen dat. 😈 Gjinien sil it better ha as wy; oprotte, jim! Op de restanten bouden de Spanjerts Mexico City. Wat in kriminelen.

In pear dagen leit Present no plat. Darshan ha 'k noch net wer sjoen. Hy reagearret nergens op en docht de doar net iepen as ik oanbelje. Gulbahar krijt him ek net mear te pakken.
We moatte as de bliksem oan 'e slach mei it nije jongerenberied. Gulbahar docht ek mei.
Mar Darshan?

•—

Pollo hat fan 'e moarn alle kanalen fan Present wer iepenset. Der is ommers toch gjin driging mear. Hat der eins noait west dus. Gulbahar en ik sille gau om tafel om it jongerenberied op te setten. Oer jongeren en de wrâld. Hoe fier wolle we de wrâld oer sjen? Of wachtsje we it ûnheil ôf en lûke we ús werom op ús eigen terp?

Yndianen wennen op terpen. Net allegear fansels, mar guon ynlânske stammen bouden eigen heuvels yn it lânskip. Krekt as wy froeger. Mar de terpen fan de *native Americans* wienen folle grutter as dy fan ús. De lânbou by Tenochtitlan yn Mexico wie ek op in soarte fan terpen, dy't se midden yn it wetter oanleinen, as driuwende ikkers.
En net allinnich yn Meksiko. Midden yn de VS leit in fjouwerkante heuvel, 'Monks Mound'. Dat fertelde Pollo. Monks Mound betsjut: de heuvel fan de mûntsen, monniken. Sa neamden de Europeeske kolonisten dy heuvel yn de 19e iuw, omdat in pear kristlike mûntsen dêr wat omgriemd ha ofsa. Mar dat is fansels in belachlike namme, krekt as soe it harren prestaasje wêze. Wylst de ynlânske minsken dy heuvel iuwen lyn sels boud hienen, mei bleate hannen. Dát is nochris in prestaasje! It is de grutste selsboude heuvel fan Amearika, ik tink sels fan de hiele wrâld. En as it no by ientsje bleaun wie … nee, se bouden leafst 120 heuvels ticht byelkoar. En stichten dêr in stêd by, Cahokia, al mear as tûzen jier lyn.

Doe't de Europeanen de stêd foar it earst seagen, sei Pollo, wennen dêr 50.000 minsken, mear as dat der yn dy tiid yn Londen of Parys wennen. Sa'n grutte stêd hienen de kolonisten noch noait sjoen! Der wie hannel yn koper en parlemoer, der waard keunst makke, de stêd waard op in kundige wize bestjoerd. De westerlingen wisten net wat se seagen! Se koenen net leauwe dat der in folk op ierde wie dat in hegere beskaving

hie as sysels hienen. Dêrom betochten se dat der grif in pear oare Europeanen iuwen dêrfoar al nei Amearika kaam wêze moasten sûnder dat sy it wisten, en dy soenen dy skitterjende stêd wol boud ha. Hahaha, wat in arrogante stakkerts binne wy toch. 😫

Hoe ryk guon *clans* ek wienen, se koenen it begryp 'rykdom' net. Want se dienen net oan persoanlike eigendommen. Dus je koenen ek net yndividueel ryk wurde, ek al wie der fan alles genôch te krijen. De measte ynlânske minsken dielden alles wat se hienen, want allinnich sa koenen je it fuortbestean fan de stam en fan de ierde garandearje, leauden se.

It is sá yndrukwekkend, dat ik as in gek oan it lêzen slein bin. Pollo helpt my by wêr't ik sykje moat. Ik fal fan de iene ûntdekking yn de oare, it iene feit is noch mear *shocking* as it oare.
Der is in ferhaal oer in folk, de Seneca's, dy't libben op de grins fan de VS en Kanada (dy't doe fansels noch gjin grins wie, want de VS en Kanada bestienen noch net as lân). De Seneca's seagen de Europeanen kommen en skrokken fan it gebrek oan beskaving fan de kolonisten. Sy begriepen net dat der in folk bestean koe dat mannen en frouwen net lykweardich behannele, dêr't net froulju mar manlju de macht hienen, dat gjin idee hie fan in duorsume omgong mei it lân en de natuer. Se fûnen de kolonisten lomp en barbaarsk, seagen dêr mei ôfgriis nei. In folk dat lân roofde en it him taeigene, allinnich mar foar eigen gewin … de Seneca's koenen it har net foarstelle. Net de yndianen wienen de wylden, mar de Europeanen!

Mar de Europeeske wylden sloegen keihurd ta. Net allinnich omdat dy feroverers dat samar sels betochten, it waard oanmoedige troch de Europeeske lieders! It Vaticaan feardige yn 1493 in pauslike wet út wêryn't sein waard: wannear't

je as kristen in stik lân ûntdekke dat bewenne wurdt troch net-kristlike 'heidenen', dan meist sa'n gebiet gewoan *claime*, sizze dat it fan dy is. Dat wie yn 1493, noch mar ien jier neidat Columbus Amearika
ûntduts! Se begûnen dus fuortdaliks de ynlânske folken, dy't dêr al iuwenlang wennen, fan har eigen lân ôf te jeien. En brutsen dy hiele beskaving sa rap mooglik ôf. Der koe ommers net ien kultuer sa goed wêze as de Europeeske. 😖

Eeaauwww … Klaske, tochtesto dat sels ek net altyd? … 🤨🤓

Pollo en ik wikselje no in pear kear per dei dit soart ferhalen út. It makket mismoedich, mar toch fyn ik it fijn om Pollo syn stim te hearren. It giet goed mei him, mar hy hat it net maklik. Noch altyd gjin kontakt mei syn heit en mem. Ik ha him it hiele ferhaal ferteld oer Darshan. Pollo seit dat we myld wêze moatte foar him. Dy hiele *shitload* oan gedoch mei syn heit en wat dêrtroch by Present gebeurde is Darshan net yn de kâlde klean sitten gien. En hoe't er op in sydspoar bedarre is, dat is net maklik foar him. We moatte him net útkotse no, mar omearmje, seit Pollo. It rekket my dat it krekt Pollo is dêr't ik fan lear om oaren net te feroardieljen mar just mei folle mear leafde nei oare minsken en de wrâld te sjen. Wylst ik, yn de tiid dat hy by ús wie, altyd tocht dat hy sa hurd wie, gefaarlik sels. Wat ha ik it allegear ferskriklik ferkeard sjoen.

Ik mis him. Ferdomme, ik kin wol janke. Ik mis him echt. Wat soe ik graach myn earms om him hinne slaan wolle, him oer de rêch strike, troch syn hier. En 'dankjewol' en 'sorry' en 'it komt wol goed' sizze.

Hy fertelde my dat dy 'ûntdekkingsdoktrine', dat idee dat je ynlânske folken gewoan ferjeie kinne en de grûn sels yn besit nimme, oant yn dizze iuw noch altyd brûkt is yn Amearika. En hy fertelde oer dy wet fan de paus, wiisde my op dy terpen en

dy stêd, stjoerde my nei de Seneca's. Pollo wit safolle. En wat er net wit, siket er op. Miskien is syn geheim net iens dat er safolle wit, mar dat er sa nijsgjirrich is, en besiket echt iepen te stean foar wat minsken fine en tinke, yn stee fan syn eigen gelyk helje te wollen.

Ik ha frege oft hy net weromkomme wol. Soe him sa graach wer by ús ha. By Present, mar ek yn myn eigen libben. Mar dat sit der foarearst net yn. Hy wol noch in lêste kear besykje mei syn heit en mem yn kontakt te kommen. En as dat net slagget, wol er reizgje. De wrâld oer. Snap ik, dat past by him. Miskien kom ik wol achter him oan.

Mar earst Darshan. jongerenberied. Fit wurde. Tiktoks en *stories* meitsje. Skripsje. Diploma. 😳

Pollo sil noch sjen oft er mear te witten komme kin oer demokrasy by de *native Americans*.

•▬

Check … en sûn! Dokter en Voldemort 👽 sizze beide dat ik alles wer kin. Kloppet, ik fiel ek gjin pine yn de ribben mear. Sil no gau wer nei skoalle ta. En dy *creeps* wol ik noait wer sjen. 😝

Sin om wer oan de slach mei alles. Dy kloateskripsje moat slagje, seker as ik noch wat mear nei oare ynfalshoeken sjoch as allinnich de Europeeske. Gulbahar sil my helpe mei it jongerenberied. Juster ha ik har wer opsocht en ha we it deroer hân. We hoege gjin freondinnen te wurden, mar ik bin hartstikke bliid dat ik no sa mei har omgean kin. *Western hypocrisy* fyn ik noch altyd net in goeie titel foar it beried, mar we sille tegearre wat betinke lykas 'Hoe kunnen jongeren meebouwen aan de beste toekomst voor de beste wereld voor zichzelf en anderen?' Dêr komme we wol út. En we wolle Darshan derby ha. Hy moat witte dat we net lilk op him binne.

Gulbahar net, ik net.
Mar wêr sit dy jonge?

Noch gjin Darshan.

Noch gjin Darshan.

Noch gjin Darshan.

Noch gjin Darshan. Meitsje ik my soargen? Da's in *understatement*.

Noch gjin Darshan. De hiele nacht ha 'k der wekker fan lein. Uly siet fanút it finsterbank nei my te stoareagjen, mar koe my net yn 'e sliep krije. De pine yn myn liif komt werom. Pollo en Gulbahar tinke dat er útnaaid is. Hy hat yn 'e gaten krigen dat syn spul trochsjoen is, no doart er ús net mear ûnder eagen te kommen.

Hoecht net, Darshan. Ik wol it der eefkes mei dy oer ha, dy freegje wêrom asto tochtest dat dit de bêste manier wie om dyn doel te berikken. En dan ferjou ik dy 😗 en gean we meielkoar fierder. Want úteinlik wolle we toch itselde.

•▬

Noch gjin Darshan. Wêr kin hy úthingje? By syn heit hoech ik it net te besykjen, dy sjocht er net mear. Der is tefolle gebeurd tusken dy twa. Ik sil op syk nei syn mem. Har hie ik ommers troffen by dy rjochtsaak, mar dêrnei net wer sjoen. Se wennet yn de stêd, har adres hie ik noch. Mar se is net thús. Teminsten, net doe't ik fan 'e middei by har foar de doar stie.

Niis foar it earst yn in lange tiid wer in insta *upload*. Toch mar wer. In pear *huggies* demonstrearre. Myn hier der moai omhinne, der siet goed folume yn. Bytsje *cosy smiley* dwaan – dat wolle folgers toch sjen by in rolmodel. Ik fûn it lestich om myn freonlikste gesicht derby op te setten. It fielt net goed mear om dit te dwaan. Ha gjin idee wêr't dat guod weikomt dat ik demonstrearje, oft it wol duorsum makke is en oft de makkers wol fatsoenlik betelle wurde en oft it wol recycle wurde kin. It is krekt as bin ik in … ja, toch …

A western hypocrite.

•▬

Hahahahaha!
Pollo hat ûntdutsen dat der âlde ynlânske folken yn Amearika binne dy't al iuwenlang demokratysk bestjoerd waarden foardat de Europeeske feroverers dêr kamen! Yn in systeem dat wol wat liket op in boargerberied. De Irokezen. As dy wat foar de hiele groep beslute moasten, bepraten se har kwestjes yn trije groepen. Twa groepen diskusjearren oer it ûnderwerp, de tredde groep seach derop ta dat de diskusje goed ferrûn en dat der gjin belangrike saken oer de holle sjoen waarden. As de twa groepen it iens wienen en de tredde groep it beslút goed fûn, dan wie der in akkoart. Sa foel der net earder in beslút as wannear't elk him dêryn fine koe.

By de Irokezen mochten de frouwen in soad bepale. Sy beslisten bygelyks wa't *chief* wurde mocht, en koenen dy ek wer ôfsette as dy syn wurk net goed die. De grutste macht lei dus net by de baas, mar by it folk. En der wie in echte grûnwet, de Fredeswet, dy sei dat minsken meielkoar libje en wurkje moasten, dat nimmen kwetst wurde mocht, dat besluten goed trochtocht wurde moasten troch earlike en rjochtfeardige minsken. Wau! Dat wie nochris demokrasy. ☺

Mar no komt it … dat wie dus in direkte demokrasy dy't folle better en folle moderner wie as dy yn Europa! Hjir hienen doe de keningen de macht, dêr it folk, en sels foaral de frouwen!

Ik waard sa bliid fan dat ferhaal. Hè hè, it kin dus toch! Frouwen oan de macht! Al iuwen! Wat binne wy dan achterlik, hjir. En Pollo seit dat it eins noch folle gekker is: wy hawwe ús moderne demokrasy miskien wol ôfsjoen fan de yndianen!! (No ja, ík neam se soms noch yndianen, sorry.) Mar wat Pollo ergens fûn hat, is dat guon fan de alderearste Europeeske kolonisten yn de 16e en 17e iuw yn kontakt kamen mei dy ynlânske Irokezen, en fol ferwûndering nei dy direkte demokrasy seagen.

Se namen de ferhalen mei nei hûs ta en fertelden it troch. Sa soenen de ideeën telâne kaam wêze by de Frânske filosofen en skriuwers, dy't dy gedachten ferwurken yn harren tinken oer de Verlichting. Dy Verlichting mei syn 'vrijheid, gelijkheid, broederschap' dêr't wy dus altyd fan sizze dat dy ús ta de modernste en meast foarútstrjibjende demokratyske kultuer makke, ha we mooglik dus foar in belangryk part gewoan ôfsjoen fan de yndianen! Hahaha. 🤣🤭

En witst wat sa synysk is? Troch dy Verlichting tochten we dat we sels sá modern wienen dat alle oare kultueren net oars as achterlik wêze koenen. Dus de folgjende Ingelske en Frânske kolonisten dy't nei Amearika ta gienen beskôgen de ynlânske folken as primitive wylden; wylst se net iens yn 'e gaten hienen dat se in soad fan har demokratyske ideeën miskien wol krekt fan dy minsken pikt hienen.
Wat in bak! Ik fal fan myn kruk. 😆

De kristlike lieders fûnen it trouwens mar neat dat froulju minstens likefolle macht hienen as manlju. Doe't se dêr yn Amearika kamen, setten se de ynlânske manlju tsjin de froulju op, seinen dat se ûnder de plak sieten. Dy wite keardels koenen it gewoan net ferkropje dat der ek in maatskippij mooglik wie wêryn't sy nét de baas wienen. Sa soargen se foar ûnrêst yn de ynlânske mienskippen. En spilen in listich spultsje troch ferskillende *clans* tsjin elkoar út te spyljen. En se brochten sykten mei dy't de natuerfolken net koenen en dêr't se dus gjin wjerstân tsjin hienen. Boppedat hienen de Europeanen fjoerwapens.
Mar de autochtoanen makken it de Europeanen ek wol hiel maklik. Se skoden gewoan in bytsje op, sadat der ek wat romte kaam foar de kolonisten. Sa wienen se dat ommers wend: alles moatte je meielkoar diele, ek de grûn. Se hienen gjin idee dat

de Europeanen dyselde grûn yn besit nimme koenen en de oarspronklike bewenners derôf jeie; soks hienen se noch noait meimakke en dus ek gjin rekken mei holden.
Doe't Columbus Amearika yn 1492 ûntduts, wennen dêr sa'n 125 miljoen minsken. Dat wie folle mear as yn Europa, dêr wennen sa'n 70 miljoen. Mar fan dy 125 miljoen *natives* wienen der in dikke iuw letter noch mar in pear miljoen oer.

Soe ek wol werris
tiid wurde, Klas!

Scriptie-note
In 1919 kregen vrouwen in Nederland stemrecht.
Pas in 1922 werden de eerste verkiezingen gehouden waaraan vrouwen mee mochten doen.

Hè, hè! Dus froulju meie noch mar dik
hûndert jier meibeslisse oer ús lân.

Pollo *checkt* in pear kear deis de *inbox* fan Darshans Present-adres. Gjin aktiviteit, oant no ta.

•▬

Justerjûn wer nei Darshans mem fytst. No wie se der wol. It wie best fijn om elkoar wer in kear te sjen. Se hat my earder goed holpen om te begripen hoe't it sit tusken Darshan en syn heit. It wie aardich om wer eefkes by te praten.
Mar no koe se my net echt helpe. Se sei dat se net wist wêr't har soan wie. Earlik sein twivelje ik oft se de wierheid wol sei,

it fielde as woe se him yn beskerming nimme. Se seach my net rjocht yn 'e eagen as se oer him prate. Mar ik mocht wol in berjocht foar him by har achterlitte. Miskien koe se dat oan him trochjaan as er 'tafallich' ris by har del kaam. Ja, ja, it sil wol. Se wit folle mear as wat se seit, neffens my.

Mar hoe kin ik har twinge om my te fertellen wêr't Darshan is? Ik kin har net bêst gizelje of martelje ofsa, toch? 😶‍🌫️

Wat kin ik dwaan??!

Wa't ik fan 'e wike wol wer sjen sil … Pollo! 😍🐱😶‍🌫️🫁✈️ Dêr ha ik in *fucking* soad sin yn. Ik kin net wachtsje. Ek al is de oanlieding treurich. Syn heit en mem ha witte litten dat se

him net mear sjen wolle. Hy hoecht net by harren oan 'e doar te kommen, se sille him net binnen litte. Ik ha sa mei him te dwaan; dy earme jonge.

Mar hy reagearret der hiel goed op. Hjir hie er wol rekken mei holden, seit er. En hy wol syn omke ek net langer ta lêst wêze. Hy fûn it moai om wer yn Gana te wêzen, mar nei in pear wiken fielt er de druk ek wer dy't op 'e reinbôge-mienskip útoefene wurdt. Foar syn feiligens is it better om it lân no te ferlitten.

Ik tocht dat er wer nei Nederlân komme soe, mar hy wol fuort troch. Nei Suriname ta. Want hy wol op it Amerikaanske kontinint rûnreizgje. Om mear te witten te kommen oer de relaasje tusken de ynlânske folken en de oare kultueren. Hy seit dat er my tankber is dat ik him derta oanset ha om dêr mear oer te witten te kommen. Hahaha, stel dy foar, hy mý tankber, nei alles wat hy foar my dien hat!

Syn reis kin er it bêste begjinne yn Suriname, tinkt Pollo. Dat lân is ien grutte smeltkroes fan kultueren. Noch gjin fiif persint fan de befolking is fan ynlânske komôf. Tink dy ris yn: 95% fan de minsken hat dus in Europeeske achtergrûn of, foaral, troch de slavehannel, in Afrikaanske. Ik hie it my noch noait realisearre, mar alle swarte minsken yn Suriname (en dat binne fierwei de measten) hawwe in slave-achtergrûn. De oarspronklike bewenners fan súdlik Amearika binne ommers hielendal net swart. Mei ús koloniale gedrach ha wy sawat in komplete befolking fan kleur feroare. Letterlik! Dát is nochris in migraasjeprobleem. 😯 Feroarsake troch ús!

Wat Pollo foaral útsykje wol, is hoe't de bân is tusken Gana en Suriname, en oft hy kulturele oerienkomsten weromfine kin tusken beide lannen. As it gros fan de Surinamers in slaveferline hat, ha se ommers in bân mei Gana, dêr't de measte minsken wei kamen dy't ferfierd waarden fan Afrika nei de

slaveplantaazjes op it Amerikaanske kontinint. Grutte kâns dat in Ganees en in Surinamer fiere famylje fan elkoar binne. Mei tank oan Nederlân. Sa binne we dus allegear meielkoar ferbûn, ek al gebeurde dat omdat wy Europeanen ús krekt neat oanlutsen fan dat ferbinende Ubuntu-idee. 😒
Ein dizze wike komt er oan op Schiphol, in pear oerkes letter stapt er op it fleantúch nei Paramaribo. As ik Pollo sjen wol, moat ik dus nei Schiphol ta. Dat doch ik mei alle leafde. 😍

•—

Noch altyd gjin nijs oer Darshan. Ik wurd der bang fan.

Aansen stap ik yn de trein nei Schiphol ta. Mei in lyts kadootsje. Ik woe Pollo wat meijaan foar syn reis, mar wat? In symboal foar de ferbining tusken natuer en minsken, en sinnebyld fan wiisheid en ynsjoch.

Uly.

Dus ik ha myn knuffel-ûle foar him ynpakt. Dy kin er achter op syn rêchsek hingje. Dan kin Uly de wrâld yn 'e gaten hâlde en alle wiisheid dy't er opdocht op Pollo oerbringe. Stom idee miskien, mar ik fyn it moai.

En ik ha alles wat ik oant juster ta skreaun ha útprinte en bondele. Al myn oantekeningen en de *mails* tusken him en my. In boek sil it toch noait wurde. No is der yn elk gefal ien dy't it lêze kin. En Pollo hat de bêste eagen om it ferhaal te lêzen. Dan krijt er ek yn 'e gaten hoe belangryk hy de ôfrûne tiid foar my west hat; hûndert kear belangriker as doe't er hjir yn Nederlân wie. Ik ha him echt kennen leard wylst er fuort wie, dat is toch apart! Ik hoopje dat er dêr bliid fan wurdt. Hy hat my echt sá goed holpen, dat kin ik him noait yn in pear wurden fertelle op de luchthaven, straks.

Ik ha de kribels om him te sjen, fan ferlangen, mar ek fan de senuwen. Miskien moat ik wol gûle as ik him sjoch. Hy hat safolle meimakke. Ik fyn him geweldich, mar ha ek safolle begrutsjen mei him. Hooplik docht de reis nei Suriname him goed.

Bordeauxreade ribbroek, swarte blouse, de kreoalen yn 'e earen (Primeur! In bettere gelegenheid hie ik net betinke kinnen.), hier los. Ik gean. ✌

4

Deastil is it. Gjin getik fan rein op it sliepkeamerrút, gjin suchtsje wyn, gjin fûgeltsje of wat ek mar.

En pikketsjuster. De moanne komt net achter de wolken wei. Alle strjitferljochting is allang út. It is midden yn 'e nacht en ik sit te typen. Woe it moarn eins dwaan, mar ik kin net wachtsje mei dit op te skriuwen. Sliepen wurdt toch niks. Ik mis myn ûle, myn leave Uly, mar dat hindert niks, dy hat in goeie bestimming krigen.
En ik móát fertelle wat der gebeurd is.

It is in oere as trije, fan 'e middei. Ik stap út de trein op stasjon Schiphol. Hie 'k noch noait west mei de trein, bêst bysûnder. It perron is ûnder de grûn, krekt as in metro. Mei in roltrep komst omheech, de grutte hal yn. Op de ynfobuorden sykje ik de KLM-flecht nei Paramaribo. Samar fûn. Ik app Pollo dat ik deroan kom en him treffe sil foar de yncheckbaly. Fierder kin ik ommers net komme.

Trije minuten letter stean ik teplak.
Sjoch om my hinne, nei de yncheckbalys.
By ien fan de balys stiet ien mei in koffer te hannesjen.
Ik twivelje oft ik it goed sjoch.
Ik herken it postuer.
Ik sjoch nochris.
Is hy it echt?
"Darshan!!!"
As ik twa tellen neitocht hie, hie 'k it miskien net iens mear oandoard om him te roppen, mar it kaam der samar út, as in oerkreet.

Hy sjocht om, seit fluch wat tsjin de frou achter de baly dy't syn koffer op de rolbân set, en draaft op my ta. Ik doch myn earms wiidút.
Dan hâldt er yn, hy wifelt. Natuerlik betinkt er him ynienen hoe *weird* dit is, en wit er net hoe lilk ik op him bin.
"Kom!" rop ik fluch, ik doch myn earms noch wider en heger, útnûgjender kin 'k net stean. Foarsichtich set er noch in pear stappen. In meter foar my hâldt er yn.
"Klaske …" Syn earen binne fjoerread; hy doart my net rjocht oan te sjen. Krekt sa'n blik as syn mem, betink ik my.
"Kom!" sis ik nochris. "Jou my in *hug*."
Dan komt er op my ôf en slacht foarsichtich syn earms om my hinne. En begjint te snokkerjen. Ik fiel him skokken op myn skouder.
"Het spijt me, het spijt me zo", stammert er.
"It jout neat", sis ik. Mear wurden kin ik net fine. Hy ek net. Wy hâlde elkoar in skoft sa fêst. Dan lit ik him stadich los.
"*What the fuck* dochsto hjir", freegje ik. "Wêr silsto hinne?"
"Paramaribo", seit er.
Waaaat???!! Hoe dan?! Sit hy mei Pollo yn in komplot? Sitte se my deryn te lúzjen? Ik lit Darshan los en sjoch him strak oan.
"Fertel!" kommandearje ik.
Hy sjocht wer wat eangstich. De hiele sfear is ynienen omslein.
"Nou … ja", begjint er skruten. "Ik wil weg hier. Alles … jij, Present … Wat kan ik anders? Ik heb de boel zitten verkloten."
Hy sjocht om my hinne. "Ik heb je bedonderd, ik weet het. Jij weet het. Maar je weet niet … wel … je weet niet hoe erg ik dat vind. Ik ben nog steeds … nou ja … ik vind je nog steeds te gek. Je weet wel."
Ik pak syn hân. Hy skrikt derfan. Earst wol er him weromlûke, mar ik hâld him steviger fêst. Dan knypt er werom yn myn hân.
"Wêrom diest it dan?" freegje ik.

Hy lûkt oan ’e skouders. “Misschien wel omdat ik juist zo graag wilde dat jij … dat ons jongerenberaad zo groot en revolutionair zou zijn, dat alle succes op jou zou afstralen. Dat we met Present écht een mooiere wereld kunnen maken. Dat jij daar een aanzet toe kunt geven, ofzo. Ik wilde zo graag dat jij … maar ik had het nooit zo moeten doen.”
“Nee, sa hiest it net dwaan moatten, Darshan.” It wie hielendal net myn bedoeling om sa strang te dwaan, mar sa klinkt it wol. Ik sjoch him oan. Hy doart kwalik werom te sjen.
“Mar do hiest wol gelyk”, sis ik. “Net mei hóé‘tst it diest, mar wol mei wátst woest. En dat sille we ek dwaan. Gulbahar en ik. En wy wolle datsto ek meidochst.”
Hy sjocht my oan. No wol.
Ik knik him ta. “Echt, do moatst meidwaan, Darshan. Present kin net sûnder dyn striidberens.”
Koart en fluch stryk ik him oer it wang. It makket him fan slach.
“Maar ik heb deze vlucht geboekt. Mijn moeder heeft daar broers en zussen wonen, die ga ik opzoeken. Ik ben daar nog nooit geweest. Het was een idee van mama. Ze zei dat ik aan rust toe was en eruit moest. Even weg van alles.”
“Hoelang bliuwst fuort?” freegje ik.
“Weet ik niet. Ik heb geen retourticket.”
“Gean net te lang, asjeblyft. Dan kinst ús helpe. We ha dy nedich.”
Hy knikt. Eefkes bliuwt it stil.
“En wêrom bekokstoofsto soks mei Pollo?” freegje ik nei in pear tellen.
Darshan sjocht ferrast. “Pollo? Wat is daarmee? Die zit in Ghana.”
No bin ik fan slach.
“Wolsto sizze datsto net … do witst net … hy komt hjir aansen ek. Sil ek nei Suriname ta.”

Completely flabbergasted draait Darshan mei de eagen. “Ik weet echt van niets, Klas!”
In stik as wat sekonden ha we beide gjin idee wat we tinke, of wat we sizze moatte. Dan trillet myn telefoan.
Will be there in a minute.
“Hy komt der sa oan”, sis ik tsjin Darshan.
Dy skodhollet. “Ik begrijp er echt niets…”
“Ik ek net, Darshan. Maar hjir stean we.” Ik slach myn earms om syn hals en krûp him oan. Hy lûkt my nei him ta. Dan draai ik my om, sadat we earm yn earm neistelkoar komme te stean. We sjogge nei it suden, de hal yn. Ik dikerje tusken alle minsken troch.
Miskien komt it troch de *cap* op syn holle dat ik him net sa gau herken. Oars droech Pollo noait in pet. Mar hy is it echt. Ik gil, hy skrikt derfan op. Dan sjocht er ús stean en draaft op ús ta. Hy fljocht ús yn ’e earms. Mei syn trijen stean we te janken as kleuters.
“My friends!” Hy kin Darshan en my net loslitte. “It’s so cool to see you guys.” En dan tsjin Darshan: “I thought you’d gone off the radar, Darsh. So… when did you resurface?”
“Twee minuten geleden”, laitsje ik. “Right here, right now.”
Pollo gniist. “You’re kidding me!”
“Nee, echt”, seit Darshan. “We hebben elkaar hier zopas ontmoet. Ik wist niet dat Klaske hier was.”
Ik lis Pollo de sitewaasje út. Hy is stomferbaasd. En ja, se sitte echt yn itselde fleantúch. Pollo toant syn e-ticket. Hy hat noch flink syn bêst dwaan moatten om op dit plak te kommen, want as oerstapper mei hy eins net útchecke en wer ynchecke. Mar it is him slagge.
As se bykaam binne fan de ferrassing en útwiksele ha wêrom’t se nei Suriname gean, binne we alle trije eefkes stil.
Ik pak myn tas en helje de ûle en it pakket papier derút. “Ik

had wat voor je meegenomen, Pollo. Voor onderweg. Mijn mascotte, voor verbinding en wijsheid. En wat schrijfsels van mij. Zodat je misschien wat beter … nou ja … het hielp mij in elk geval om alles wat beter te begrijpen. Ook hoe wij met elkaar omgaan. En wat we van elkaar kunnen leren. Maar nu jullie hier allebei staan …" Ik hannesje wat mei beide kadootsjes, om myn ferlegenheid te ferbergjen oer it feit dat Pollo twa dingen krijt en Darshan neat. Mar Pollo pakt se beide fluch oan.
"Is Darshan allowed to read this as well?" freget er.
Ik knik. "Ik kan het wel mailen."
Pollo jout it papier oan Darshan. "Nah. Here you go. I need to sleep on the plane anyway. The first part of the trip wiped me out. I'll have a nice little nap with my owl, while you read this. Then I can read it when we get to Suriname." Hy sjocht nei my. "Okay with you?"
"Sure", sis ik.
We krûpe, knuffelje, omearmje minutenlang.
Dan moatte se gean.

In healoerke letter sit ik yn myn ientsje oan in chai latte yn de grutte hal fan Schiphol. Fiel pineholle opkommen. Ik bin stikken en kapot, dwerstroch. De holle draait my deroer.

Darshan sil alles lêze. Dan begrypt er dat ik net lilk mear op him bin. Ik hoopje dat er gau weromkomt. Hy wol seker in wike yn Paramaribo trochbringe, mar syn plan om folle langer dêr te bliuwen sil er wizigje, hat er my tasein. Dan is er rom op tiid werom om Gulbahar en my te helpen mei it jongerenberied.

En Pollo? Miskien sjoch ik him wol noait wer. Bêst mooglik dat er ergens yn Amearika hingjen bliuwt, noard of súd. Mar we sille kontakt hâlde, hoe dan ek. Miskien, as jongerenberied, skripsje en alle oare saken oan kant binne, miskien kin ik dan wat sparje en ek in reis dêr nei ta meitsje. Om him op te sykjen.

Om sels mei eigen eagen te sjen wat hy my allegear ferteld hat. Ik ha no al sin om wer by him te wêzen 🐕❤ en in ein mei him op te lûken. De wrâld is sa grut. Der falt safolle te ûntdekken.

En no wurdt it tiid om te sliepen. Sûnder Uly, mar de wiisheid is oeral te finen.